# Klaaikluten

*Nijsbrief fan de Stifting ArgHis*

Jaargang 14
december 2010

**3**

**COLOFON**

KLAAIKLUTEN verschijnt enkele malen per jaar en wordt uitgegeven door de 'Stifting ArgHis': ARGEOLOGYSK-HISTOARYSKE RUNTE LITTENSERADIEL

*Bestuur ArgHis:*
Klaas Abma, voorzitter
Rintje de Schiffart, secretaris
Dolf Dijkstra, penningmeester
Jaap Scheffer, projectcoördinator
Simen Fopma, bestuurslid

*Redactie Klaaikluten:*
Philippus Breuker
Jelle Miedema

*Kopij en inlichtingen:*
j.miedema@welling-translations.eu
tel.: 071.5218318; kopij vóór:
1 maart, 1 augustus en 1 december

*Vormgeving en opmaak:*
Frits Sieperda

*Donateurschap:*
Het donateurschap van de 'Stifting ArgHis' bedraagt (minimaal) € 12,50 per jaar; *Klaaikluten* krijgt u dan gratis toegestuurd

*Adreswijzigingen:*
R. de Schiffart,
Doarpsstritte 25, 9021 CK Oosterwierum
rdeschiffart@planet.nl

*KB-Registratie:*
Titel: Klaaikluten
ISSN: 1572 - 1191

# Foaropwurd

Philippus Breuker hâldt nei alf jier op mei syn redaksjewurk en (foarlopig?) ek mei syn bydragen foar *Klaaikluten*. Hy wol oare dingen dwaan en moat kieze. It skriuwen fan in stik foar Klaaikluten nimt al gau in pear wiken. En hoewol 't it net gebrûklik is dat redaksjeleden elkoar publikelik betankje, wol ik dat hjir dochs wol dwaan. Fan begjin 2000 oant en mei ein 2010 ferskynden tritich nûmers fan *Klaaikluten* mei fjirtich bydragen fan syn hân. Philippus, betanke foar dyn ynset foar elts nûmer en foar dyn altiten nijsgjirrige en learsume bydragen. Der siet foar in lokale nijsbrief wolris in té goed stik tusken, mar it wie nijs. Hoe no fierder? Foar in antwurd op dy fraach ferwiis ik graach nei de bestjoersbydrage yn dit nûmer fan Klaas Abma. As foarsitter fan ArgHis docht hy út 'e doeken hoe 't we yn de takomst oergean wolle op in oare foarm fan ynformaasje oer 'Histoarysk Littenseradiel'. Yn in oare bydrage jout Abma ferslach fan it Histoarysk Festival Súdwest, dat yn septimber dit jier holden is yn Wâldsein. De oare auteurs en bydragen binne âlde bekenden. Jelle Miedema giet fierder mei prekadastraal Wommels en Philippus Breuker slút syn wurk foar Klaaikluten ôf mei stikken oer de adel en oer it gea.

Bydragen foar it folgjende nûmer sjogge we graach temjitte.

JM

*Foto foarside: Nij-Dekema te Weidum (sjoch de earste bydrage fan Breuker); kaart efterside: fragmint proefdruk Baarderadeel (1844) fan de kaart fan Eekhoff (kolleksje auteur). Oars as op de definitive kaart is hjir it boulân (yn swart) op oanjûn.*

# Van het bestuur

**ArgHis is jarig**
Een oplettende lezer maakte ons erop attent dat ArgHis op 1 december 2010 vijftien jaar bestond. We zijn dus jarig! Een felicitatie voor iedereen die ArgHis een warm hart toedraagt.

**Ziekenhuisopname Jaap Scheffer**
In Klaaikluten komt niet vaak het wel en wee van onze leden aan de orde. Deze keer maken we daar een uitzondering voor. Ons bestuurslid Jaap Scheffer wordt op 1 december in het MCL-ziekenhuis in Leeuwarden opgenomen. Op 2 december volgt de operatie om zijn maag te verkleinen. We hopen dat hij, als u dit leest, de operatie alweer gehad heeft en dat hij weer thuis is.

**HIP**
Zoals bekend verzorgt ArgHis het Historisch Informatiepunt (HIP) in Littenseradiel. Elk kwartaal wordt in de bibliotheek in Wommels (in It Trochpaad) een vitrine gevuld met materiaal dat hoort bij het thema dat in alle gemeenten in Zuidwest Friesland hetzelfde is. De afgelopen drie maanden stonden de jaren 50 centraal.
Het materiaal voor de vitrine is beschikbaar gesteld door Rommy Achterhof, medewerker van het gemeentearchief.

Vanaf 15 december is het thema: horeca. We proberen rond 1 januari de vitrines weer te vullen. Mocht u (oud) horecamateriaal hebben en dat eens willen tonen, neem dan contact op met een van de bestuursleden. Het materiaal staat achter slot en grendel.

Daarnaast zijn we nog op zoek naar een tweede vitrine die we voor een zacht prijsje willen overnemen. Mocht iemand van de donateurs nog een vitrine hebben, of weet u misschien iemand die er nog een heeft staan en die wel wil verkopen, ook dan kunt u contact opnemen met een van de bestuursleden.

**Afscheid van Philippus Breuker van de redactie van Klaaikluten**
Verleden jaar heeft Philippus Breuker ons laten weten dat hij na elf jaar wil stoppen met het redactiewerk van Klaaikluten. Hij wil het stokje overdragen aan een ander.
Wij bedanken Philippus Breuker voor de vele Klaaikluten die hij samen Theo Kuipers en later met Jelle Miedema heeft samengesteld. In totaal gaat het om zo'n 30 nummers van ons blad. In die jaren heeft hij naast het redactiewerk zelf ook gezorgd voor veel artikelen in Klaaikluten.
Vanaf deze plaats bedanken wij Philippus voor al het werk dat hij voor ArgHis en Klaaikluten heeft gedaan. We gaan er trouwens vanuit dat het afscheid van de redactie van Klaaikluten niet betekent dat we geen kopij meer van hem krijgen.

Bovendien is Philippus bezig met een boek waarin ook artikelen uit Klaaikluten zullen worden opgenomen.

**We heten Jan Folkerts welkom als nieuw redactielid**

Gelukkig hebben we de vacante plek in de redactie van Klaaikluten weer kunnen opvullen. Jan Folkerts neemt de plaats van Philippus Breuker in. Jan is historicus van oorsprong en voormalig directeur van het Historisch Centrum in Leeuwarden. Als inwoner van Easterein en gemeentesecretaris van Littenseradiel is hij zeer geïnteresseerd in de geschiedenis van onze gemeente.

**Website**

We willen verder gaan met de ontwikkeling van de website. We zijn bezig met het maken van een nieuwe site waarmee we op een gemakkelijker manier berichten en artikelen onder uw aandacht kunnen brengen.
Vanaf 1 januari starten we met een nieuwe site: *www.histoarysklittenseradiel.nl.* Het wordt een laagdrempelige website waarin zowel de nieuwe artikelen als oude nummers van Klaaikluten zullen worden gepubliceerd. Daarnaast kan iedereen via een groep op Facebook berichten plaatsen en meepraten over de geschiedenis van onze gemeente. Ook de Facebookgroep gaat op 1 januari 2011 van start. Voor wie geen lid is van Facebook, volstaat een simpele aanmelding. Het adres is: *www.facebook.com/groups/histoarysklittenseradiel.*

Waarom een website en Facebook naast elkaar? De bedoeling is dat op een nader te bepalen tijdstip de website de plaats van Klaaikluten overneemt. Het wordt het belangrijkste publicatiemedium van ArgHis en de redactie bepaalt wat er op geplaatst wordt. Op Facebook bestaat die drempel niet. Iedereen kan er op kwijt wat hij wil, alleen zaken die niets met de geschiedenis van onze gemeente te maken hebben worden verwijderd. Zo houden we de kwaliteit van Klaaikluten overeind en maken we tegelijk de lokale geschiedenis beter toegankelijk.

**Einde Klaaikluten?**

Hierboven meldden we al dat ArgHis vijftien jaar bestaat. Klaaikluten is iets jonger, het scheelt ongeveer een jaar. Dat betekent dat over een jaar Klaaikluten ook vijftien jaar bestaat. Klaaikluten is altijd een blad geweest waarbij de geschiedenis van onze gemeente vanuit allerlei invalshoeken is belicht. Met het vertrek van Philippus Breuker en de komst van Jan Folkerts hebben we ons ook beziggehouden met de toekomst van ons blad. Daarnaast heeft Jelle Miedema ons ook laten weten dat hij ook wil stoppen met het redactiewerk. Ook hij is inmiddels zo'n 11 jaar actief bij Klaaikluten betrokken geweest. Dat zou betekenen dat wij in 2011 opnieuw op zoek moeten naar een nieuw redactielid.
In het bestuur moeten we nog verder over praten over deze situatie. We staan wat dat betreft wel op een tweesprong: gaan we nog door met Klaaikluten of maken we gebruik van de nieuwe media waarop we ook nog steeds artikelen publiceren die anders in Klaaikluten zouden zijn verschenen. Het kan echter niet zo zijn dat we zowel een website als het blad beide 'in de lucht' houden.
Betekent dit dan ook dat het blad gaat verdwijnen? Ook ArgHis gaat met de tijd mee en we kunnen zo langzamerhand wel stellen dat het blad z'n langste tijd heeft gehad. Met een nieuwe website die regelmatig gevuld wordt met nieuwe verhalen en artikelen voor en door de lezers van de site hopen we de geschiedenis van het gebied tussen Slachte en Zwette voor een groter publiek beschikbaar te maken. In ieder geval zullen we Klaaikluten in 2011 nog laten bestaan. In de volgende nummers houden we u op de hoogte van de ontwikkelingen.

Namens het bestuur
Klaas Abma, voorzitter

# Stinzen en staten yn Littenseradiel nei 1524

Philippus Breuker

Yn de lettere Midsieuwen wienen op alle doarpen yn Littenseradiel wol ien of mear stinzen. Stinzen ha der letter lykwols mar in bytsje mear west. Mear as ien en twa sneuvelen yn de strideraasjes om 1500 hinne. Benammen yn april en maaie 1515 moat it mâl west hawwe. It gong doe hurd tsjin hurd tusken de Bourgondiërs, dy't yn Frjentsjer leinen, en de Geldersen, dy't ûnderdak fûn hienen op Jongema te Raerd, Dekema te Baard en Hottinga te Wommels. Doe't se oanfallen waarden, ferlieten de Geldersen de huzen en stieken se dy earst yn 'e brân. Dat die mei syn eigen hûs ek Douwe Walta fan Wiuwert, dy't op 'e hân fan de Geldersen wie. De Swarte Heap, in leger hiersoldaten, stie oan de kant fan de Bourgondiërs. Sy ferbaarnden Wommels, Boazum en Britswert, de Bourgondiërs Winsum en Littens.[1]
Nei't Karel V yn 1524 syn macht einlik foargoed festige hie, bleaunen guodden fan dy stinzen noch in skoftsje bestean, mar hiel folle kinne it dochs net west hawwe. De measten waarden rillegau sljochte en ferfongen troch nije gebouwen. Der waard doe nammentlik in skoft lang in soad boud. It wie de tiid der ek nei, want it wie in opgeande tiid. Sa begong Pier Walta yn 1525 fuort mei in nije state en Gerbada yn Easterwierrum moat fan 1530 west hawwe. Der moatte folle mear yn it twadde fearn fan de sechstjinde ieu boud wêze, mar dat is net oerlevere.
Ik tink dat der yn Littenseradiel om 1550 hinne hast gjin stins mear west hat. It is allinnich it spraakgebrûk dat de yndruk jout as soenen se noch oant yn de njoggentjinde ieu bewarre bleaun wêze. Der stienen al lang lytsere of gruttere staten foar yn it plak. Mooglik hawwe de eigeners sels ek wol bydroegen ta in ynstânhâlden fan de myte fan dy stinzen. Stins wie mear as in hûs fan stien allinnich wurden. It wie in bewiis fan adellike âlderdom. It wie it plak fan it stamgoed.
Wat dan noch al stean bleau, sil meast mar foar in part bewarre bleaun wêze. Op de tekeningen fan staten en 'stinsen' fan Stellingwerf út 1722-1723 is yn Baarderadiel en Hinnaarderadiel neat midsieusk mear te bekennen. Miskyn wie der nochris in stikje muorre hjir of dêr. Sa'n stik is der noch altyd oan de foarein fan wat letter in pleats west hat op Donia te Spannum.
In oar taai misferstân is dat de 'stinzen' (lês: staten) pas yn de njoggentjinde ieu massaal ôfbrutsen waarden. Dat ôfbrekken wurdt dan boppedat wol taskreaun oan in gebrek oan histoarysk besef. Yn werklikheid hienen de staten al lang har funksje ferlern. Bewenners dy't noch libben yn it ferbân fan in doarp, wienen der nei de Midsieuwen net mear. Adel is by útstek in midsieusk fenomeen, dy't past by lokaal grutgrûnbesit. Om mear sicht op dizze dingen te krijen, ha ik de lettere skiednis fan stinzen en staten yn Littenseradiel ris op in rychje set. De skiednis fan stinzen yn de Midsieuwen is beskreaun troch Paul Noomen yn syn moaie boek *De stinzen in middeleeuws Friesland en hun bewoners* (2009). Op in byhearrende cd hat er alle stinzen doarpsgewize ynvintarisearre. Foar Littenserdiel komt er op in lytse sechstich. Dy wienen der om 1500 net allegearre mear. Ek yn de Midsieuwen kamen der guodden by en gongen der guodden ôf.

[1] Scharlenis, *Chronyk* (ed. 1742) 399.

De huzen dêr't it hjir om giet, hjitte yn it spraakgebrûk staten. In state wie neffens de betsjutting fan it wurd oarspronklik in pleats wêrfan't in part fan it lânbesit net ta it mienskiplik brûkte lân fan kogongen en kogerzen hearde dat om de safolle jier fan brûker wiksele of alteast wikselje koe, mar fan it lân dat fêst by de pleats hearde, dat 'stie' (begryp: net wiksele). De eigentlike 'staten' wienen net de huzen, mar de stikken lân dy't 'stienen.' Se datearje út in tiid dat der net folle fan sokke pleatsen wienen, doe't der noch grutgrûnbesit wie en der op de measte pleatsen noch hoarigen wennen. Sa wienen staten fan it begjin ôf synonym mei foarnamens. Saten dêrfoaroer wienen yn oarsprong de pleatsen dêr't lju op 'sieten,' dat is te sizzen dy't ferhierd waarden. Rûchwei sein kin men sizze dat pleatsen oant 1200 ta allegearre staten wienen en dat it dêrnei in spul waard fan âlde staten en nije saten.

Op in terp wienen meast wol mear as ien fan dy âlde staten, mar har tal hat tink dochs nea hiel folle grutter west as it tal terpen. Wol kamen der guodden by as in eigener fan ien twa makke. Der sil wol nea in tiid west hawwe dat alle staten in oare eigener hienen, mar it tal eigeners dat mear hie, naam yn de rin fan de tiid hieltyd ta. Dat wie in kwestje fan fererving of oankeap. Der wie dus ferskil yn besit, mar it liket derop dat der boppedat ferskil yn sosjale status west hat. Lju dy't stinzen mei wieren op har staten bouden, sille fan adel west hawwe, oaren dy't dat net dienen, wienen einierden.

De stinzen ferdwûnen dus al lang lyn, mar singels, grêften en soms ek wieren hawwe noch lang it oantinken bewarre. Wieren waarden al ier ôfgroeven, dy fan Fûns is fan bekend dat soks al yn 1591 barde, mar restanten binne hjir en dêr noch altyd sichtber foar wa't der each foar hat. Sa lizze tusken Boazum en Mantgum noch de ôfgroeven hichten fan Hoekens by de tsjerke fan Boazum, fan Sjoerda op Yndyk, fan Harkema ûnder Easterwierrum en fan Hiddinga ûnder Mantgum. Restanten fan singels en grêften binne ek seldsum wurden.

Grif al yn de Midsieuwen sels al, mar ek noch yn de sechstjinde ieu binne stinzen oars net as pleatsen wurden. It omkearde komt mar inkeld foar, dat in gewoan boerestee nei de Midsieuwen in adellik wenplak waard. Dat hat miskyn yn Kûbaard sa west. Ek fan de nije staten rekken al yn de sechstjinde ieu guodden yn hannen fan einierde boeren. By nije staten stie faak in poarte (by de stinzen heart men der net folle fan) en sa kaam it dat inkeld ek wolris ien út in boerefamylje in poarte op 'e homeie sette liet. Sa krige de pleats ûnder Easterlittens dêr't fan 1591 oant 1640 de net-adellike famylje Sprong op wenne, in poarte. Dy is ôfbrutsen om 1850 hinne.[2]

It is aardich dúdlik hoe't dy nije staten út de sechstjinde ieu derút seagen. Se steane op de printsjes fan staten fan Stellingwerf út 1722/23, al moat men se dêr dan fansels noch al skiede fan de santjinde-ieuske feroaringen. Soms binne dy staten fan Stellingwerf ek folslein santjinde-ieusk. It binne mar frij beskieden huzen. Ik tink dat der yn de sechstjinde ieu faak noch net folle ferskil west hat tusken de wenten by de grutte, einierde pleatsen en de lytsere adellike staten. It koe bêst ris wêze dat de pleatsen dy't foarname huzen hienen, dy krigen hienen om it oantinken oan in eardere adellike sitewaasje fêst te hâlden.

Faak sil der by de nije staten in skuorke en in tuskenstik heard hawwe. Dat wienen dan fansels net de pleatsen sels, dy't dêrby stienen, al hawwe der grif ek gefallen west dat ienfâldige adel sels op de pleats wenne. Op de tekeningen fan Stellingwerf út 1722/23 steane hiel wat fan sokke staten.

In state mei in skuorke en in tuskenstik is ek Bornia te Weidum, dat fan ca. 1635 wêze moat. Schotanus neamt Bornia yn 1664 in hofstede en dat docht E.M. van Burmania yn 1749 ek. Se sille dêrmei wol oanjaan dat it gjin âld adellik besit is en miskyn ek wol dat der gjin pleats by wie. Wer in oar gefal binne de simmerhuzen by Makkum ûnder Boazum yn 1574 en by Gerbada yn Easterwierrum út 1753. Dy stienen ommers wól by pleatsen. Mar hofsteden en simmerhuzen skeelden beide qua funksje net folle fan de lettere hearenkeamers yn de foareinen fan pleatsen.

Wat der om 1600 hinne krekt oan staten wie dy't noch troch adel bewenne waarden, is net alhiel te

[2] Oostra, *Oosterlittens* (1985) 114.

sizzen, want der binne sûnder yngeand ûndersyk gjin min of mear komplete befolkingsoersjoggen fan dy tiid te meitsjen. Ek foar letter is noch in soad ûndúdlik. Oan de stimkohieren fan 1640 en 1698 hat men net folle, want dêr steane hast gjin staten yn. It is of binne dy net belêste en falle de florenen op de byhearrende pleats. Mar folle sille oan it folgjende listke dochs net mankeare.
Ik jou de staten – en foarsafier't dêr út de tiid nei 1524 noch wat oer bekend is ek de stinzen - doarpsgewiis op en set derby hoelang oft se bestien hawwe en ek oft parten noch langer bewarre bleaun binne. Wat my oer de gebouwen bekend is, neam ik allegearre. Ek jou ik oan hoelang't in hûs yn 'e famylje bleaun is. Soms is der ek wat oer oare dingen bekend, lykas hôven en kokenstunen. As der net oars by stiet, binne de gegevens fan staten yn it eardere Hinnaarderadiel ûntliend oan D.J. van der Meer, *Boerderijenboek* (2004), dy fan Jorwert oan syn artikel yn it *Genealogysk Jierboekje* fan 1969, dy fan Bears oan syn stik yn it *Genealogysk Jierboekje* 1970, en dy fan Weidum oan Rita Mulder-Radetzky en Barteld de Vries, *Weidum, dorp van staten* (1994). Oare boarnen neam ik apart. Guon jiertallen ferwize ek nei boarnen.[3]

**Baaium:** *Ekinga.* De stins Ekinga, yn it Winsumer deel fan Baaium, waard yn 1686 ôfbrutsen.[4] Yn 1542 wenne Sasker Heringa der, hy brûkte it lân teminsten.[5] It hûs sil dêrnei lang leech stien hawwe.

**Bears:** *Unia.* It hûs is foar it earst bekend út 1529, mar it sil doe al wol langer bestien hawwe. It wie in ôfsplitsing fan Oldehuys nêst de tsjerke, dat der súdlik tsjinoan lei. De âldst bekende bewenner is Tyarck van Unia, sels noch wol fan adel, mar syn bern net mear. Ien fan har ferkocht yn 1584 de state oan twa susters Buygers, fan wa't ien troud wie mei de Ljouwerter advokaat Tiaerdt van Tiara. Dy lêsten festigen har op Unia en sille wol in nij hûs boud hawwe, sa oan de styl



*Fragmint akwarel P.C. Meilma fan Bears by in prosesstik út 1704 (Tresoar).*

[3] 542 Den nijuwen aenbrengh van Baerderadeel Van Sminia 2064 a, Tresoar
1574 FG 837, Tresoar (adel, geastlikheid mei namme, oaren by tal Baarderadeel; adel (en pear geastliken) Baarderadiel en Hinnaarderadiel (lijst van namen van den genen die men onder correctie op leeninge soude mogen setten)
1579 Sibrandus Leo
1615 list fan lju dy't berjocht fan dea (begraffenis?) fan Sternsee krije (de leedt aen te zeggen) (HAS 4, GA Frjentsjer)
1622 Pier Winsemius, *Chronique ofte Historische geschiedenisse van Vrieslant.* Franeker 1622
1632 útnoege foar begraffenis Ernst Casimir (Inv. A23–IV-3, KHA, Den Haach)
1642 noeging foar begraffenis Georg van Liauckama (512 Hs, Tresoar)
1664 Christianus Schotanus, *Beschryvinghe van de Heerlyckheydt van Frieslant.* 1664
1705 Kohier 100e en 1000e pinning Hinnaarderdeel (GA Litt. Hinn. 31)
1713 Kohier 100e en 1000e penning Baarderadiel. Ga Litt.
1749 E.M. van Burmania (Engelum 1700 – Weidum 1789), *Geographisch woordenboek, behelsende een uytvoerige beschryving der Friesche dorpen.* Leeuwarden 1749. Aant. Eekhoff: Geschreven en later doorschoten en met talrijke MS. aantt. voorzien door Jr. E.M. van Burmania 378 Hs., Tresoar.

[4] Noomen 2009.

[5] Van Sminia 2064a, Tresoar

te sjen fan it kompleks dat Stellingwerf yn 1723 tekene hat. It hûs fererfde oant 1729 yn de famylje. Guodden wienen advokaat, oaren militêr of libben fan de rinten. De lêste fan har ferkocht it doe, grif út jildneed, mar bleau der al wenjen. Hy wie sekretaris fan Baarderadeel. It slot waard ôfbrutsen yn 1756. De poarte is stean bleaun. Oan ankers te sjen is dy foar 't neist út 1616.

**Boazum:** *Hoekens.* Op Hoekens, it hûs fan de Jongema's, wennen oant 1540 noch leden fan de famylje, it lêst Fed Hermana, de widdo fan Agge Epes Walta. Sûnt wennen der hierboeren. Oer it gebou en syn skiednis is neat bekend.
Boazum: *Makkum.* By syn nij stichte pleats op Makkum ûnder Boazum moat om 1535 hinne Edo Walta in hûs set hawwe. Hy wie in broer fan Pier en Agge.[6] Yn 1574 kocht riedshear mr. Fecke Rhala it hûs, dat doe in 'lanthuysinge' neamd waard. Omdat er it kocht fan de boer, nim ik oan dat it in lossteand gebou west hat.[7] Sokke lossteande huzen koenen wolris de foarrinders west hawwe fan de hearenkeamers yn de foareinen fan de pleatsen. Yn de pleats op Makkum moat yn de achttjinde ieu yndied sa'n keamer west hawwe. Doe wie er fan in Looxma út Snits.
Boazum: *Walta.* Der hat mooglik noch in skoft nei de Midsieuwen in part fan de âlde stins stien, want yn 1538 bepaalt Pier Epes Walta dat wa fan syn erven oft it hûs erfde, 'het stins an den eenen eijnd na den buijren sal varder neder nemen ende doent verlanghen so dattet sess ende dertich holtfoeten bennen den twee gevelen langh is.' Der hat in skilderij west – en miskyn is it noch wol earne sûnder dat it identifisearre is – dêr't dy âlde stins op stie, want dêr stiet behalve Pier ek syn frou Bauck Unia op en dy is stoarn yn 1525, foar de ferbouwing dêr't ik daliks op kom. It wurdt yn 1742 sa beskreaun: 'Een schilderije verbeeldende Pier Epes van Bosum cum uxore sittende voor een tafel met vrugten, beneffens Walta stins staande op een hoge wier sonder omtrek van Gragt en Boomen.'[8]
Mei dy fierdere ferbouwing blykt Pier yn 1539 sels dwaande te wêzen. Yn of koart nei 1525 hie er al in begjin makke mei in nij hûs. Op in ôfbylding fan Stellingwerf út 1722 stiet datselde hûs grif, ek al set dy derûnder dat it 'de schierstins te Baarderadeel' is. It hûs is ek dúdlik itselde as dat yn 1748 beskreaun waard: boppe wie in grutte seal en ûnder 'twee groote kamers waer tegen nog een kleyn kamerke en keuken was aangebout.' Fuort nei 1666 wie der foar mear as 300 gûne oan reparearre. Wat net op dy ôfbylding fan Stellingwerf stiet, is de poarte. Dat dy der wol west hat, blykt yn 1730.
Pier makke faker as ien kear in testamint en altyd waard it hûs wer neamd. Dat moast altyd bewenne wurde, al mocht de bewenner tydlik earne oars wenje as er ta lid fan it Hof beneamd wurde soe of as it oarloch wie. Dan mocht er salang't dy oarloch duorre yn de stêd wenje. Wenne er der oars net, dan ferfoelen de besittingen oan in oare tûke fan syn neiteam.[9] Dat hat makke dat it hûs yndied lang stean bleaun is, mar it hat dochs net foarkomme kinnen dat it

6 Breuker, Boazumers (2009) 18.
7 Rintmastersrekken, Tresoar.
8 Lulema 63, Groninger archieven, Grins.
9 Verhoeven en Mol (ed.), *Testamenten* (1994) nrs. 111, 145, 148 en 154.

meast leech stie. Al fuort nei syn dea yn 1540 hat it mear as hûndert jier leech stien. Fan ca. 1675 oant 1717 hawwe Juliana Catharina van Aebinga, douarière Bronkhorst en letter har soan Lambert Frederik van Bronkhorst mei syn frou it simmers wer bewenne. Se hienen ek in hûs yn Ljouwert en se wienen roomsk. Miskyn slane de frysktalige gedichten fan Titia Brongersma (ca. 1650-nei 1685) op útfanhûzerij op Walta. Bronkhorst, dy't troud wie mei in pakesister fan de skilder Rubens, hie omkesisters Roly, dy't ek op Walta wenne hawwe en oan dy (tige keunstsinnige) suskes Roly droech Brongersma gedichten op.[10] Folle oer it plak dêr't dy gedichten situearre binne, wurdt men net gewaar. Ek net by de fryske. Dat binne fansels ek mar genrestikjes. Se geane bygelyks sa:

> Sibrig sis wier rinste sey
> Bring ous de ky vinne ickers mey
> Maar lit de kæelen rinne: maer lit,
> Driuw de æede Ruyn
> Ynne kaemp by de tuyn
> Inne rieren ijnne finne.

Nei 1717 kaam it hûs wer leech te stean en sa waard it yn 1741 ôfbrutsen. De tûke dy't it ôfbrutsen hie, waard lykwols op straffe fan ferlies fan alle besit dat Pier yn in fidei commis ûnder it hûs brocht hie, twongen om it wer op te bouwen. Dat barde mei de stien fan in oar adellik hûs út dy tûke, Sythiema state te Hallum.
It nij opboude hûs waard yn 1839 ôfbrutsen. It wie in kopy fan it âlde. Bewenne hat it nea west. It jier fan ôfbraak hat fêst te krijen mei it ôfskaffen fan it fidei commis by de ynfiering fan it Boargerlik Wetboek yn 1838.
Der is fyftich jier letter út de mûle fan âlde Boazumers op de achterkant fan in eksimplaar fan Stellingwerf syn gravuere tekene hoe't it derút seach:

Het huis stond met zijn voor en achtergevel N.O. en Z.W. In 't lage gedeelte of afdak (zie teekening) was het voorhuis met buitengewoon zware buitendeur op 't Z.W.-end en een kamertje op 't N.O. end (zie de beide vensters aldaar). Achterlangs 't afdak en met trapje van 2 of 3 treden daaraan verbonden liep een gang; op 't N.O. end waarvan de zaal die zeer hoog onder verdieping was en waar portretten hingen van Camminga's, Haarda's, Roorda's. Naast de zaal, dus midden in 't huis: een opkamer met kelder er onder en trap op de gang; dan op de Z.W. zijde een groote kamer, op 't Z.W. end waar van een slaapkamer met lichtschepping op 't Z.W. en hooger liggende dan de groote kamer, die lichtschepping op 't Z.O. had. De homei (later plank met leuning) stond op 't Z.W. end dicht bij 't nog door Oege Hernam bewoonde tuinmanshuis. De muren waren zoo dik, dat men in de nissen der vensters vaak zat te spinnen. Het huis stond zoo hoog, dat Jelte de Boer (ien fan de sechslju) het wel van uit de Sneeker Meer heeft gezien; na de afgraving stond de regenbaksbodem op maaiveldshoogte.

Yn in P.S. merkt notaris S. Haagsma, dy't it stik opsteld hat, op: 'J. de Boer meent dat het geheele gebouw ongeveer zoo groot was als de Bozumer kerk.' Dêr moat er him yn fersind hawwe.
It lân bleau fan Pier Walta syn tiid ôf oant 1935 ta altyd yn 'e famylje. Doe waard it ferkocht. In bygebou, hjir it túnmanshûs neamd, mar foar't neist it oarspronklik byhearrende boerespul, is foar in part bewarre bleaun oant 1980. Der wennen al yn de achttjinde ieu mear as ien arbeidershúshâlding yn en yn de tweintichste waard it in hok. It eage mei syn bôchfinsters en stiennen ier-sechstjindeieusk. It waard yn 1733 al 'aan de oude kant' neamd. It wie mar in lyts spul, sûnt - net nei 1618 - in nije pleats boud wie.[11]

**Easterein:** *Bonga.* Yn de earste helte fan de sechstjinde ieu al gjin adellik wenstee mear. Yn 1551 feroaret dat en wurdt in state boud.[12] Dy is rillegau nei 1606 wer yn in pleats opgongen.
Easterein: *Donia.* Yn in pleats opgongen oan de ein fan de santjinde ieu. In poarte wurdt neamd yn 1629.

---

[10] Publisearre yn de bundel *Bron-swaan of Mengeldichten* (1686).
[11] Breuker, Waltastins (1980); Halbertsma, "Walta-state" (1947); Van der Meer, Walta-state (1958).
[12] Reitsma (2004) 4.

**Easterwierrum:** *Gerbada.* Op it âlde stee fan de Gerbada's, dat fererfde op Wigle Camstra en syn soan Sasker, dy't him nei syn mem Heringa neamde, wenne yn 1505 Abbe Heringa. Dy sil it west hawwe dy't der in nije state op boude, foar't neist yn 1530, út hokker jier de poarte datearre. It besit bleau oant 1785 bewenne troch leden fan de famylje. Yn 1699 wenne de advokaat dr. P.H. Petraeus der. Syn frou hie de state út de famylje urven. Hy hold 'hoenders,' wat wol wat mear as allinnich hinnen west hawwe sille.[13] Yn 1753 waard der troch de Ljouwerter boekhanler R.J. Noordbeek foar himsels in nije 'buitenplaats' boud, dy't yn 1819 tagelyk mei de pleats dy't der altyd ek stien hie, ôfbrutsen waard en ferfongen troch de noch besteande pleats mei yn de foarein in hearenkeamer.[14]

**Hilaard:** *Tjessinga.* Kaam nei 1647 leech te stean en waard ôfbrutsen yn 1742. De poarte bleau stean oant 1799. It wie ien mei in boppewent.[15]

**Hinnaard:** *Sassinga.* Hjir wennen Roorda's. It hûs sa't it bekend is fan in tekening fan Stellingwerf liket boud te wêzen yn de sechstjinde ieu. It waard om 1600 hinne ferboud. It bestie yn 1595 út in foarein (dat 'opgehemelt' bliuwe moast, ek as it net bewenne wurde soe), in wenhûs en in keuken en der hearde in molkenkeamer en in lytshûs by. De state bleau bewenne troch leden fan de famylje oant ca. 1730, doe't er ôfbrutsen waard. De poarte is stean bleaun oant 1914.[16] Dy wurdt neamd yn 1595.



**Iens:** *Unga,* ôfbrutsen gau nei 1629. Poppe van Burmania, de bewenner, sil yn 1596 in reade sânstien (foar 't neist in sarkofaagdeksel) brûke as tafel yn it prieel yn 't hôf.

**Jellum:** *Mammema of Mamnminga.* Mammema waard yn 1543 bewenne troch Sicke Dekema (-1558). Hy wie riedshear yn it Hof te Ljouwert. Mooglik hat hy hjir in nij hûs boud. Yn 1585 wurdt der boelguod holden op it 'blauwe huys' te Jellum.[17] Dat soe dit wêze kinne. Ut 1708 is in testamint fan de bewenster Helena van Botnia, widdo fan de kolonel Watzo van Burmania, oerlevere dêr't se yn bepaalt dat fan har skilderijen 'die Tegenwoordig op Mamminga State int Zaal offte inde blaauwe kamer hangen'' altyd op it hûs bliuwe moatte dy skilderijen dêr't har âlden en foarâlden en dy har freonen en sibben op stean.[18]
Yn 1791 wie der stalling foar acht à tsien hynders, yn 1856 waard it slot op ôfbraak ferkocht. It hûs bestie út acht keamers, in keuken, in wyn- en proyzjekelder en boppen en ûnder in gong mei marmeren flierren.[19] Yn 'e santjinde ieu hat der in pear kear in grytman wenne, letter ek militêren. It lêst wenne der in Van Wageningen, sekretaris fan Baarderadiel.

[13] Beschrijvinge van de granen der grietenie Baarderadeel […], Steaten G46, Tresoar.
[14] Breuker, Gerbada (2008).
[15] Terpstra en Singelsma, Hilaerd (1957) 378.
[16] Breuker, Hinnaard (2010) 15.
[17] Baa P1, Tresoar.
[18] Bylagen Sivile sentinsjes 957-6, Tresoar.
[19] *Leeuwarder Courant* 26 febr. 1791, resp 15 febr. 1856.




It hûs hat altyd yn deselde famylje west. Dêr hat alhiel yn de adellike tradysje mar wol hiel perfekt Helena van Botnia yn har testamint ek alle war foar dien. Se bepaalde dat it fererfde op har soan Dominicus Justus Botnia van Burmania, en 'voorts op sijn vordere descendenten in 't Oneijndig, dog altijt op het oudste kind off descendent.' As dy gjin bern krige, dan fererfde it op deselde manier op har dochter Helena, as dy ek gjin bern krige op har soan Rienk van Burmania en sa fierder, dan op Frans van Burmania ensfh., dan op Sjoek Tjaard van Burmania ensfh., dan op har âldste mannelike bloedferwant en as dy der net wie, dan op har âldste froulike bloedferwant! Mar nea mocht it besit fererve of fersterve yn it geslacht of de famylje Harinxma thoe Slooten.[20] It hûs moast goed ûnderholden wurde, sûnder de minste 'ruine off vervalligheijt.' Ynteressant is ek noch in oare bepaling, dy't ek wol mear makke waard: 'ook sal een ijgelijk Eijgenaar offte besitter van dit prelegaat, den naam titel ende wapen moeten gebruijken en voeren, is 't een Zoon ofte mans persoon, dan Dominicus Justus van Botnia, is 't een dogter offte vrouws persoon dan Geertruidt van Meckema.'
Der is noch wat dat moai oan dit gefal te yllustrearjen is en dat is it yn ien hân kommen fan mear as ien adellik besit. De testatrice hie nammentlik net allinnich Mamminga, mar ek Hania yn Weidum en Hottinga yn Nijlân.

**Jorwert:** *Fûns.* Bysûnderheden oer it hûs binne oars net bekend as út 1533, as it kompleks omskreaun wurdt as 'huijs, stien, steedt, grefft, wijer ende greffs walle in dat rondt, meij dijo screnge ende dat hoeff.' Wat in screnge is wit ik net, miskyn hat it wat mei de wâlen te krijen dy't ek neamd wurde en wie it in soarte bolwurk, steen is de stins. It hiem liket ôfsjoen fan hôf en skringe bestien te hawwen út twa omgrêfte pôlen, ien foar hûs en stins en ien foar de wier. Dat wie de gewoane sitewaasje.
Fûns moat ea wol in foarname stins west hawwe. Yn 1533 wurdt it besit tawiisd oan ien fan de trije bruorren dy't der binne en de neiteam wurdt frege dat letter ek altyd yn frede te dwaan, 'wrmits dat Fondensera huijs in eeren mochte blijwen ende dij laefta naet britzen mocht wirde.' Yn 1591 wol lykwols Tyaerdt Fons al oanbesteedzje om de wier by syn hûs te sljochtsjen en yn 1607 giet it hûs om skulden oer nei Jacob Binckes Hannema, dat oantroude famylje wie. Dy wie boargemaster fan Starum en siet yn de Admiraliteit te Amsterdam. Syn dochter Alydt troude mei de Ljouwerter mr. Johannes Wilhelmussn. Velsius, letter sekretaris fan Ljouwerteradiel. Se stoaren yn 1636 binne

[20] Grytman fan Baarderadiel wie doe Ernst Mockema van Harinxma thoe Slooten, dy't op Dekema te Weidum wenne. Mooglik hat der mei him skeel west.

inkelde oeren nei elkoar oan de pest.[21] Soan Benedictus van Velsen, militêr gerjochtsskultus te Ljouwert, ferkocht yn 1651 de state mei de 'schone huijsinge' oan kapitein Poppe van Burmania en frou te Harns. Van Velsen hie jildgebrek.[22] It soe wêze kinne dat de Velsens simmers op Fûns wennen, mar wis is dat net, want oare bewenners as boeren binne al fan foar 1639 ôf net mear bekend.[23]
Jorwert: *Hesens.* Yn 1511 en letter bewenne troch in hierboer, mar sûnt ca. 1560 troch de eigner, dy't in nij hûs bouwe liet. It bleau troch de famylje bewenne oant de ein fan de ieu en sil doe lang leech stien hawwe. Yn 1642 wurdt it omskreaun as in 'heerlijcke groote leijdeckte huijsinge met de twee toorns daer aen, de koets bedsteeden ende twe grote tassen daerin staende, met de nae aengeboude rood pande ceucken, de heerlijcke groote poorte, mett twe camers daer boven, de schuijre, voorts hovinge, gracht ende singel.' Yn 1642 wenne grytman Ulbe van Aylva der, yn 1652 waard it hûs kocht troch ritmaster Johannes (1632/3-1658), de iennichste soan fan de riedshear Gaius Nauta en syn frou Lolck van Aisma te Snits. Dy skynt der it hiele jier wenne te hawwen, lykas letter in omkesister en de man (Douwe van Sixma) noch in skoftlang. Nei 1684 stie it leech, al wenne der yn 1711 noch in Bernardus Matheus.[24] Yn 1713 wurdt it in simmerhûs neamd. It hûs waard ôfbrutsen yn 1715.
Jorwert: *Aarsum.* Op it hûs wennen Rinia's, oant Catharina troude mei Homme van Hettinga en it Hettinga's waarden oant 1652. De Hettinga's wienen militêren. Homme van Hettinga waard grytman fan Baarderadiel yn 1558. Doe sil der wol in nij hûs boud wêze. Yn 1638 blike der yn alle gefallen in grutte keamer, twa opkeamers, in seal en in salet west te hawwen. Yn 1652 waard it hûs kocht troch de militêr Sybrand van Walta (-1673) en syn keunstsinnige frou Franscke van Doyem (ca. 1612-1661) út Ljouwert.[25] Ek sy sille der simmers wol wenne hawwe. Yn 1665 kamen dochter Dorothea en skoansoan Gerlacus Verrutii by de widner ynwenjen. Sy skine der echt wenne te hawwen, want se waarden lidmaat en lieten der fan 1666 oant 1668 trije bern dope. Yn 1674 kochten se mei in sweager de borg Schultinge te Bedum It hûs is neffens Van der Meer gau nei 1675 ôfbrutsen.
It moat dêr mei al dy foarname lju út de stêd in skoftlang in gesellige boel op en om Fûns west hawwe.

**Kûbaard:** *Grutte Berch.* Yn 1632 wenje te Kûbaard jonker Buigers en syn soan en yn it stimkohier fan 1640 stiet jr. Buigers ek as eigener en bewenner fan in pleats opjûn. Dat wie de sate de Grutte Berch. Yn 1612 wie dy kocht troch Wigle van Buigers. Bysûnderheden oer it hûs binne foar dy tiid net oerlevere, al moat Aerndt Pieters dy't der yn 1550 ferstoar, al fan adel west hawwe, want hy hie in harnas. Yn 1614 wurdt it omskreaun as in 'huysinge, kelder, keldercamer ende schuyre', wat no just net op in foarnaam gehiel wiist. Yn 1701 hjit it 'een adelicke sathe', dy't dan kocht wurdt troch in boer.



HOXWIER 1722.

[21] Beyma thoe Kingma 2072, 2079, Tresoar.
[22] Van der Meer (1969), 28-37; TT 49, HCL Ljouwert.
[23] Oostra, *Jorwerd* (1993) 152.
[24] Oostra, *Jorwerd* (1993) 150.
[25] Breuker, Kunstenaars (2002) 43.

Kûbaard: *Jorum.* Yn de sechstjinde ieu wennen Roorda's op Jorum, yn 1574 noch jonker Claes van Iselmuyden, dy't troud wie mei Anna van Roorda. Dêrnei skynt it hûs al gau by de pleats foege te wêzen.

**Mantgum:** *Hoxwier.* Op Hoxwier wennen al om 1500 hinne Hoxwiers. Har namme ûntlienden se oan de namme fan it wenstee, de wier yn 'e hoeke. Dat se sa neamd waarden, sil wol komme omt der earne oars noch in oare Easge wie. Want Easge wie de namme dy't mei Hoxwier ferbûn wie. It wienen ôfstammelingen fan de Heringa's, dy't fan Krinzerhoeke ûnder Raerd kamen, mar hjir al yn 1329 wennen, of better sein: alteast yn Mantgum. Der is in oarkonde út dat jier dêr't in soen yn troffen wurdt tusken Heringa's en Sewerda's, beide út Mantgum sa te sjen. Der wurdt bepaald wa't wat krijt, in terp, de 'stadan' (steden, stikken lân?) en de nije stins 'bi Molla.' It soe bêst ris wêze kinne dat dy nije stins Hoxwier is, want dy stie mar yn it flakke lân en sil earder dochs wol op de terp by de tsjerke stien hawwe. Boppedat waard er tawiisd oan in Easge.[26]
Nei de Hoxwiers waarden troch houliken Seerp van Galama (-1581), Gale van Galema en Reinier van Hoppers (1596-1666) de bewenners. Hoppers hie troud west mei His van Galama (-1634), mar wie sels blykber net fan adel. Sa waard er Sinjeur neamd, nei de moade fan de tiid foar lju fan kwisekwânsje.[27] Oan de ôfbylding fan Stellingwerf út 1722 te sjen moat der yn syn tiid hiel wat fan it hûs boud wêze. Of better sein: fan de huzen, want it is in oanienboud gehiel fan huzen. Miskyn ha der mear húshâldingen tagelyk wenne. It bleau yn de famylje oant Hoppers it yn 1657 ferkocht oan Feijo van Aylva. It wurdt dan sa omskreaun: 'heerlijcke huijsinge, schuijre, koehuijs, paerde stallinge en een schone poorte mitsgaders de magnifijcke grote hovinge, enterije, keuckenthuijnen, buijten ende binnen grachten singel bomen ende plantagie sijnde het hoornleger groot 8 pondematen.' Der hearden in swanejacht by, trije legersteden yn tsjerke en de kollaasje fan de kosterij, d.w.s. it rjocht om de skoalmaster te beneamen.[28] Oan dat grutte hôf en de beamkwekerij sil de namme it Bosk yn Mantgum syn ûntstean wol te tankjen hawwe. It Bosk leit de kant nei de Hegedyk út, ha ik wolris heard, mar it krekte plak is it net bekend. By alle staten wienen sokke 'bosken.' Bos(ch)ma's en Bos(ch)'en tankje har namme deroan. Yn 1665 waard it hûs ferkocht oan de widdo fan de Ljouwerter Gatse van Boelens, dy't der ek kaam te wenjen. Mooglik hie se oant dan ta ek op Unia te Bears wenne, want dêr stiet Gatse van Boelens yn 1640 as bewenner te boek. Nei har dea sil Hoxwier simmers miskyn noch troch in soan bewenne west hawwe, mar yn alle gefallen al yn 1713 stie it leech[29] en it waard ca. 1747 ôfbrutsen. Allinnich de poarte bleau tenearsten noch stean.[30]

**Spannum:** *Donia,* boud ca. 1552, nei ca. 1580 bewenne troch in boer. De noardmuorre fan de noch besteande foarein fan de pleats is midsieusk. It sil in restant fan de âlde stins wêze. De nije state mei poarte waard yn of koart nei 1552 boud.

**Weidum:** *Bornia,* boud ca. 1635, ôfbrutsen yn 1805. Der binne in boedelbeskriuwing út 1684, dêr't de yndieling fan it hûs foar in grut part út ôf te lêzen is, en in tekening út 1723. Dy komme goed mei elkoar oerien. Hûs, tuskenstik en skuorke foarmje ien gehiel. Schotanus neamt it op syn kaart fan 1664 in hofstede en E.M. van Burmania docht dat yn syn boek yn 1749 ek. Foar't neist jouwe se dêrmei oan dat it gjin (adellike) state is. Stellingwerf hat hiel wat fan soksoarte gebouwen. Weidum: *Dekema,* ôfbrutsen ca. 1730. Yn 1683 hat it hûs 'verscheiden vertrecken ende camers' en der binne ek in poarte en in ringmuorre. Yn 1725 blykt it út twa boulagen mei in kelderferdjipping te bestean en hat it in tuorke (grif in sipel). De kelderferdjipping sieten de keuken en de wyn- en provizyromten yn. Op de begeane grûn wienen

[26] Utjûn yn P. Sipma, *Oudfriesche oorkonden* I (Den Haach 1927) nr. 1.
[27] Stemkohier Baarderadeel (1640).
[28] Baa P4, 59; Tresoar (ek by Van Wageningen).
[29] Kohieren 100e en 1000e pinning, GA Littenseradiel.
[30] Van Wageningen (1890).

de grutte seal, twa treppen en acht keamers, wêrûnder in yt- en in hearenkeamer, en der wie in foarhûs. De boppeferdjipping ûnder de souder hie trije lytse keamers (grif foar it tsjinstpersoniel) en in grutten, dy't tsjinst die as biblioteek. Yn 1735 wurde by in ferkeap tún en hôf beskreaun. Der wie in siertún mei fivers, in moestún en in hôf (grif mei in kas) mei appels, parren, prommen, perziken, abrikoazen en druven. Dat hôf wie troch hagen yn perken ferdield.[31]
Ik ha it idee dat it hûs boud is troch Julius of Juw van Botnia, dy't yn 1540 troude mei Marij Hettesdr. van Dekema. Yn 1542 blykt er nammentlik yn Weidum te wenjen en it lân te brûken dat Hette Dekema yn 1511 brûkte.[32] Hy waard yn 1567 grytman fan Baarderadiel. It hat dêrom wol doel om it Botniahûs yn Frjentsjer (dêr't Juw/Julius weikaam) en oare huzen dêre út dy tiid boukundich mei Dekema te ferlykjen.
Weidum: *Hania,* bewenne troch Hania's, letter Botnia's en Burmania's. It liket wol as wie it hûs yn 1708 ien mei de boerehuzinge, want dan wurde 'Adelijke en BoereHuijsinge' yn ien sike neamd.[33] Riedshear en histoarikus E.M. van Burmania (1700-1789), dy't der yn 1750 kaam te wenjen, liet it hûs ferbouwe. Nei 1808 rekke it yn ferfal, it waard yn de njoggentjinde ieu ek lytser makke en it boufallige restant waard ôfbrutsen yn 1902. Rita Mulder tinkt dat de state letmidsieusk wie, omdat yn 1902 in part fan in sydmuorre fan âlde friezen wie, mar dy kinne fansels ek sekundêr brûkt wêze.
Weidum: Papinga, grif boud yn de earste helte fan de sechstjinde ieu, nei de dea fan Kinsck Hermana yn 1581 net mear troch adellike eigener sels bewenne, yn ferfal sûnt ca.1630, ôfbrutsen koart nei 1659. It hûs bestie út in kelderferdjipping, in begeane grûn mei in seal, in 'stoof' (foar't neist de ytkeamer mei de bedstee) en de swarte keuken, neamd nei de swartstiennen flier, en - op de souder foar't neist - twa keammerkes foar it tsjinstpersoniel. Yn 1644 blykt dat der in poarte by wie. Dy is tusken 1644 en 1696 ôfbrutsen.
Weidum: *Popkema.* Yn 1574 wennet Trinke Popkema te Weidum. Sy is fan adel. Mooglik hat jonker Paffenraedt, dy't yn 1632 neamd wurdt, hjir doe ek wenne. Yn 1659 is sprake fan Popma state mei poarte en singel, 118 pm. grut.[34] Neffens de *Prekadastrale atlas* fan Baarderadiel giet it om in pleats op it Nijlân foar de noardlike wei oer nei Bears ta. Yn 1640 wennet der in boer.
Weidum: *Walta.* Neffens E.M. van Burmania waard it hûs bewenne troch Sibrant van Walta, dy't yn 1610 ferstoar. Hy en syn frou Tyets Hettinga kochten yn 1579 in hûs noardlik fan Dekema,[35] wat dit west hawwe kinne soe. Op de kaart fan Eekhoff leit Walta boppe de Buorren oer de feart. Yn 1632 wenne der ek noch in jonker Walta, mar de lettere skiednis is ûnbekend. E.M. van Burmania neamt yn 1749 dat it in boerepleats is.
Weidum: *Wobbinga.* Al yn 1511 wenne der gjin adel mear, mar dochs skynt der yn 1749 noch in state west te hawwen. E.M. van Burmania neamt him alteast as sadanich. Yn 1713 waard gravin Carlson fan Bitgum derfoar oanslein. Hy lei oan it binnenpaad fan Weidum nei Bears rûn der lâns. Noch om 1900 hinne lei der in wier mei noch flau sichtber de grêft yn it lân deromhinne.[36]

**Wiuwert:** *Walta.* Walta - of âlder: Thetinga - is lang yn de famylje Walta bleaun, mar sil yn de santjinde ieu jierren leech stien hawwe. Der hearden in grut oantal pleatsen yn Wiuwert en Britswert by. Yn 1675 waard it hiele besit troch de bern fan Luts van Walta, dy't troud wie mei Cornelis van Aerssen, heer van Sommelsdijck, beskikber steld oan de Labadisten. Dy stichten der in koloanje. Trije fan dy bern wennen der sels. De ferneamdste leden hawwe Anna Maria van Schurman en Maria Sibylle Merian west.
Yn de omkriten waarden de state it Bosk en de be-

[31] Baa P9, 1735; Trsoar. Cf. Mulder-Radetzky, *Weidum* (1994) 12.
[32] Van Sminia 2064a, Tresoar. Botnia brûkt, sa stiet der, de pleats fan Hette Dekema dy't yn 1511 troch in Tomas bebuorke waard (ed. Tjessinga nr. 2151) en dêrby dy fan Dekema sels (ed. Tjessinga nr. 2131), dy't dermei gearfoege is.
[33] Testamint Helena van Botnia, Bylagen Sivile sentinsjes 957-6, Tresoar.
[34] Baa P4, 100; Tresoar.
[35] Baa P1; Tresoar.
[36] Van der Tol (1934), 869-871.



wenners it Boskfolk neamd,[37] wat der op wiist dat der in soad beammen west hawwe. Der is in ôfbylding fan hûs en tún út ca. 1686 fan in pear jier letter en dêr blykt wol út dat alles doe nij boud en ynrjochte is.[38] De leane nei it slot rûn fan de wei nei Easterlittens ôf. Der lizze noch fûneminten fan poarte en muorrewurk fan it slot yn 'e grûn. De ynteressante tunen binne sa beskreaun:
Het slot lag op een vierkant omgracht kasteelterrein, omringd door een dubbele rij bomen, waarschijnlijk eiken of linden. Verder kunnen we op de plattegrond zien (het noordoosten ligt boven) dat rechts van het kasteelterrein zeker dertig tuinvakken liggen, waarschijnlijk omringd door laaggeënte vruchtbomen (gestippeld). Schuin rechts voor het kasteelterrein ligt een nog veel grotere nutstuin, met moestuinvakken, op Franse wijze diagonaalgewijs verdeeld. Drie bomenrijen (mogelijk ook vruchtbomen) zijn rond dit terrein geplant. Tussen beide nutstuin-complexen ligt een siertuin met kruiswijs verdeelde vakken. Het karakteristieke kenmerk van het hele complex is dat de verschillende tuinen nog niet in een duidelijke relatie zijn aangelegd met het huis, typisch voor de renaissance.
Op het kasteelterrein zelf zien we nog ten zuiden van een gebouw een kleine siertuin met ronde perken binnen een vierkant (vgl. het Buitenhof). Op het terrein staan verschillende huizen, schuren en andere nutsgebouwen.[39]

[37] Baa A, 14 maart 1695; Tresoar.
[38] Staatsargyf Neurenberg. Makke troch J.A. Graff, de man fan Maria Sibylle Merian, dy't yn Wiuwert wenne hat
[39] Untliend oan www.Cascade 1987, febr. 2008.



*Sminia te Wommels*

Nei 1700 ferrûn de koloanje, al gongen de lêste bewenners om 1730 hinne fuort. It slot waard doe al bewenne troch baron H.W. van Aylva. Hy hie it yn 1729 foar 75.000 car. g. kocht fan Maurits van Nassau, waans mem in Van Aerssen wie. Aylva wie fan 1722 oant syn dea yn 1733 grytman. Hy hat it tige ferboud. It slot sil lykwols nei syn dea wer leech kommen wêze te stean. It is net bekend wannear't it ôfbrutsen is, mar it sil net lang nei 1751 west hawwe, doe't it as 'groot adellijke huisinge Walta of Tammingaburg' noch bestie.[40]

**Wommels:** *Hottinga.* Yn 1516 waard it âlde hûs mei fûneminten en al ferneatige. It wie út it wetter opmitsele en der lei in ierden wâl omhinne. It nije hûs waard troch ambachtslju en sjouwers út Boalsert plondere by in belestingoproer yn 1626.[41] Yn 1695 waard it hûs kocht troch in boer en yn 1764 waard it ôfbrutsen. Ferkeapers wienen de krediteuren fan âld-grytman Oene van Grovestins. Syn soan, grytman Edsert, wie de lêste adellike bewenner.

Wommels: *Jongema.* Yn 1511 wennet der in boer op Geins, mar om 1540 hinne wenne Doeke van Walta al yn Wommels en dy hat der miskyn in nije state bouwe litten. De lêste adellike bewenner fan dy syn erven wie âld-grytman Oene van Grovestins, dy't yn 1695 de 'aedellijcke state ende sate met de adelijcke huisinge' c.a. mei de pleats ferkeapet oan in boer. Ferkeaper wienen syn krediteuren.

Wommels: *Sminia.* Boud yn 1707 troch de grytman Idzart van Sminia (1689-1754). It hûs wie in lang gebou fan ien boulaach, besteande út trije troch opgeande gevels om it middelste hinne fan elkoar te ûnderskieden parten. It waard ôfbrutsen yn 1870.[42]

---

[40] Baa P9; Tresoar.
[41] Breuker, *Gysbert Japix* (1989) II 201.
[42] Miedema 2005, 7-9 (mei ôfbyldingen).

**Beslút**
Koopsom: 331 carg. en 2 st. samen voor dit huis en het andere.

Aanvulling, toelichting:
- Yesse Dirks, volgens het quotisatiekohier in 1749 'soober arbeider', is een broer van Sytske Dirks (zie *Klaaikluten* 2008/2:8-9) en wellicht de grootvader van Yesse Dirks van der Wal, overleden Wommels 5.10.1826 in huis no. 8, turfschipper, oud 44 jaar, zoon van Dirk Jesses en Okjen Hessels en man van Grietje Gerbens Dijkstra.

**1754:** Een 'huisinge en hovinge cum annexis (…) de tempel genaamt', met de 'losse goederen van bedplanken, spijskamers borden en wat de verkopersche daarom en aan toebehoort'. Het huis heeft 'vrije vensterslag' en is belast met 8 stuivers grondpacht aan de pastorie en met het onderhoud van hekken, muren en hagen 'daar toe en aanbehorende en van olts behoort hebbende'; 12 mei 1754 vrij van huur (inv. 50, fol. 257v).
Naastliggers: Ten westen en noorden niet vermeld, Gerrijt Andries, mr. timmerman O, de koper Z en W.
Bewoner: **Pytter Douwes**, huurder.
Verkoper: **Adriana van Burenstins, wed. secr. Lycklama à Nijeholt.**
Koper: **Johannes Smids [=Sinnes]**, mr. timmerman te Wommels.
Koopsom: 150 gg. (gerecht wijst consent).

Aanvulling, toelichting:
- Johannes Sinnes, timmerman, is zowel zuidelijke als westelijke naastligger (zie ook het voorgaande huis), wat betekent dat hij nu eigenaar is van twee huizen langs de Trekvaart. Is hier het eerder veronderstelde 'trekvaartgedeelte' van kadaster nr. 30 verheeld met nr. 29 (zie kaartje)?
- Een Pieter Douwes, afkomstig van Cornwerd tr. (3e procl. 22 sept.) 1737 Neeltje Jans van Wommels, een kleindochter van Heertie Heerts. Pieter Douwes is mogelijk hertr. 4.12.1757 met Trijntje Johannes, van Wommels.

**1804:** Een huisinge en hovinge, thans bij bewoner Johan Jouws tot 12 mei in huur (inv. 54, fol. 274).
Naastliggers: De Vaart W, G(abius) Nauta N, Egbert Gadses O, Gerloff Sjoerds Z.
Bewoner: **Johannes Jouws.**
Verkoper: **Johannes Sinnes.**
Koper: **Folkert Reinderts (Rispens) en Dieuwke Douwes**, e.l. te Wommels.
Koopsom: 912 gld.

Aanvulling, toelichting:
- Tegelijk Gabius Nauta als noordelijke naastligger en Egbert/Eibert Gatses als *oostelijke* naastligger is onwaarschijnlijk, tenzij Egbert Gatses bewoner was van een eigen kamer aan de oostzijde van/in dit huis.
- Op 19.12.1804 vindt inventarisatie plaats van het sterfhuis van Johannes Sinnes. Hij overleed te Bolsward en werd begraven te Wommels. Als erfgenamen worden vermeld zijn wed. Durkjes Andries en zijn dochter Akke, de laatste gehuwd met Hendrik Collé/Collee, boer

te Jorwerd. Akke was een dochter uit Johannes Sinnes' eerste huwelijk met Meinu Wijtzes. De sterfhuisinventaris maakt melding van een tegoed van 425 carg. 'wegens het tweede of laatste termijn der gekogte huizinge staande en geleegen te Wommels waarvan koper is geworden Folkert Reinders aldaar' (BOL inv. 155, fol. dd. 19.12.1804 [fiche 4]).
- 1793: Johannes Jouwes voor 'geleverde turff' (inv. 33-34). Overleden Wommels 8.10.1812 Johannes Jouwes Elzinga, 'oud naar gissing ruim zeventig jaren, zijnde zijne ouderdom door het vermissen van aantekening niet te bepalen', gehuwd geweest met Hyke Thomas. Ze woonden eerder in IJlst, waar hun zoon Jouw Johannes werd geboren (de laatste overleden Wommels 26.1.1825, oud 57 jaar).
- Lidmaten gem. Wommels Hidaard: Folkert Reinderts x Dieuwke Douwes, van Oosterend 18.8.1801, lid 1810, hij ouderling.
- 1801: Tjalling Jans is vertrokken naar nr. 87, 'nu Folkert Reinders van Oosterend bij An… Gerrits ingewoont', medebewoner is Ate Gatdses (speciekohier huis nr. 86; volgt).

**1796-1805:** Bewoners speciekohier nr. 64; aantal schoorstenen: 3

1796: Tjepke Harmens (1); IJtie Tjepkes en haar zuster (1); Johannes Jouwes (1).
1797: Tjepke Harmens is overleden, nu Hendrik Piers van Tjum (1); IJtie Tjepkes en haar zuster (1); Johannes Jouwes (1).
1798-1799: Hendrik Piers (i); IJtie Tjepkes en haar zuster (1); Johannes Jouwes (1).
1800: Hendrik Piers (1), Yttie Tjepkes naar nr. 79, nu Eibert Gadses, adsistent, van nr. 70 (1), Joh. Jouwes (1).
1801-1803: Hendrik Piers (1), Eijbert Gadses (1), Joh. Jouwes (1).
1804: Hendrik Piers naar nr. 72, nu Folkert Reinders van nr. 86 (2); Egbert Gadses (1), Joh. Jouws naar nr. 86, 'nu Folkert Reinders hier boven'.
1805: Folkert Reinders (2), Egbert Gadses (1).
- - - - -
(1), (2): aantal schoorstenen

*Quotiesatiekohier nr. 22*

**1809/1810:** Te koop: 'Eene zedert kort byna geheel vernieuwde [mijn curs. JM] zeer gelegene, en tot zeer veele bedryven zeer geschikte HUIZINGE en ERVE, staande in de Dorpe Wommels aan de Bolswarder Trekvaart, gequoteerd met No. 22, op den 12 May 1810 vry te aanvaarden, thans by Folkert Reinders cum uxore als Eigenaars bewoond, en zulks in twee Percheelen' (adv. LC 27.2.1810, Stichting Digitaal Archief Leeuwarder Courant/ SDALC).

*Een kamer als zuidelijk deel van quotisatiekohier nr. 22*

**1809-1810a:** 'seker onse huisinge, bestaande in een kamer en voorhuis, halve bleek, massaal secreet, vrije opslag aan de vaart, de helft der appelboom in de bleek (…) uitmakende het zuidelijk gedeelte van No. 22 in Wommels, met de hier aanbehoort hebbende kamer en winkel, welke (…) van nu is gescheiden (…) 12 wijnmnd. [oktober] 1810 vrij te aanvaarden, met onderhoud van Straaten, wallen, vaarten, lands, deels en dorpslasten' (?; inv. 55, fol. 125).
Verkoper: **Folkert Reinders Rispens en Dieuwke Douwes**, e.l. te Wommels.
Koper: **Kornelis Paulus en Janke Hettes Olingius,** e.l.
Koopsom: 450 g.

Aanvulling, toelichting:
- Kornelis Paulus (Blanksma, na 1811), van Wommels, schipper, tr. Wo. 10.11.1799 Janke Hettes Olingius, van Wommels (zie verder onder 1816, volgt).

*Een kamer gequoteerd no. 23, het noordelijk deel huis nr. 22*

**1809-1810b**: 'onse huisinge bestaande in een kamer, winkel, halve bleek, massaal secreet, vrije opslag aan de vaart, de helft der appelboom in de bleek, gelegen te Wommels (…) uitmakende het noordelijk gedeelte van No. 22, zijnde met de hier aanbehoordt hebbende doch thans afgescheiden

kamer gequoteert met No. [23], bij ons verkopers bewoont' (inv. 55, fol. 124).
Bewoner: **De verkopers.**
Verkopers: **Folkert Reinders Rispens en Dieuwke Douwes**, e.l. te Wommels.
Koper: **Pieter Sjoerds Algera**, dorprechter te Wommels.
Koopsom: 730 carg.

Aanvulling, toelichting:
- NB: Folkert Reinders Rispens en zijn vrouw vestigen zich rond 1810 op het (Ald) Hiem in het huis ten zuiden van de herberg, gekocht van de familie Cuperus (quotisatiekohier nr. 16, kadaster nr. 21; zie ook *Klaaikluten* 2009/1:28-29). Later keert hij als huurder terug naar het hier behandelde huis (zie bij 1832).
- Pieter Sjoerds Algera, tr. 1e Sijke Sytzes Idzenga; tr. 2e Trijntje Harmens Beista.
- 1829: Overleden te Wommels op 29.9.1829 in huis no. 23 Harmen Pieters Algera, geboren en wonend te Wommels, oud 12 jaar; (ii) overleden te Wommels op 5.11.1829 in huis nr. 22 Sjoerd Pieters Algera, oud 9 jaar, zonen van Pieter Sjoerds Algera en Trijntje Harmens Bijsta.
- 1830: Overleden te Wommels op 6.7.1830 in huis nr. 22, Pieter Sjoerds Algera, mr. verwer en glazemaker, geb. en wnd. te Wommels, oud 40 jaar, echtgenoot van Trijntje Harmens Beista.

**1816:** Te koop: 'Twee HALVE VEEREN, met Schip, Zeil en Treil, varende van Wommels op Leeuwarden, Franeker en Sneek et vice versa, zoo als het door wylen *Cornelis Paulus Blanksma*, in leven huisman en schipper te Wommels, is bevaren' (adv. LC 9.2.1816, SDALC).

Aanvulling, toelichting:
- Overleden te Wommels op 5.1.1816 in huis nr. 73 Cornelis Paulus Blanksma, oud 39 jaar, gehuwd (x Janke Hettes Olingius), nalatende 5 kinderen.

*Quotiesatiekohier nr. 22*

**1830a:** Te koop 'Eene wel ter nering staande HUIZINGE en ERVE, uitkomende aan de Vaart en in de Buurt van Wommels, bestaande uit drie Vertrekken en Zolder, gekwoteerd met no. 22, door de Weduwe P.S. Algera thans bewoond en gebruikt; terstond na de eindelijke toewijzing te aanvaarden' (adv. LC 22 en 29 oktober 1830, SDALC).

**1830b:** 'BOELGOED: De Notaris W.K. HOEKSTRA, te Wommels, gedenkt op Zaturdag den 20 November 1830, des voormiddags ten tien ure, ten sterf[huize van] *Pieter Sjoerds Algera*, in leven Verwer en Glazenmaker te Wommels, p…boelgoed en gereed geld te verkoopen: 1 Bed met toebehooren, 1 Pulpitum, 1 Staartstuk-klok, twee Tafels, eenig Koper-, Tin-, IJzer- en Aardewerk, Manskleederen enz. Voorts eenige VER[F]STOFFEN en VERWERS-GEREEDSCHAPPEN, waaronder een Verfmolen en Verfsteen, en wat ten dage des boelgoeds meer te voorschijn zal worden gebragt' (adv. LC 19.11.1830/SDALC).

*Quotisatiekohier nr. 22, kadaster nr. 32*
**1832:** Huis en erf, perceel nr. 32, legger nr. 8, grootte 310 m2 (Van der Vaart en Talsma 1994).
Bewoner: **Folkert Reinders Rispens.**
Eigenaar: [Erven] **Pieter Sjoerds Algra,** 'verwer en glazemaker' **(x Trijntje Harmens Beista).**

Aanvulling, toelichting:
- 1826: Folkert Reinders Rispens te Wommels, oud 68 jaar, beroep 'keurmeester der botervaten' bij aangifte van het overlijden van Harmen Oenes Dijkstra, weduwnaar van Janke Folkerts Rispens.
- 1832: Overleden te Wommels op 23.12.1832 in huis nr. 22 Folkert Reinders Rispens, zonder beroep en oud 'bijkans 75 jaar', weduwnaar van Dieuwke Jans. Folkert Reinders is dus als huurder teruggekeerd op zijn oude stee, waar hij als weduwnaar overleed.

*Quotisatiekohier nr. 22*

> **1834:** Te koop 'Eene HUIZINGE en ERVE, staande en gelegen aan de Trekvaart te Wommels, gekwoteerd met no. 22, waarin twee Kamers, Voor- en Achterhuis, ruime Zolder met beschoten dak, voorzien van een Regenwatersbak en Bleek, ten Westen en Oosten der Huizinge; hebbende tot Naastlegers ten Oosten den Notaris *Hoekstra*, ten Zuiden de Erven *van der Schaaf*, ten Westen de Trekvaart, ten Noorden *Jentje Vellinga*; thans door *Dirk Annes v. d. Meer* en *Vrouw* als huurders bewoond; zijnde op den 12 Mei 1835 vrij te aanvaarden' (adv. LC 7.11.1834/SDALC).

Aanvulling, toelichting:
- Naastligger ten (zuid)oosten van quotisatiekohier nr. 22/23 is in 1834 o.a. notaris Hoekstra. Die is in 1822/1832 eigenaar van Terpwaarts kadaster nr. 31 (zie kaartje) en dat betekent dat quotisatiekohier nr. 22 gelijk is aan kadaster nr. 32. Het hier besproken huis moet dus definitief gelokaliseerd worden op de plek van kadaster nr. 32 in 1822/1832.

**Aanvullingen op eerdere Klaaikluten**

*A. Een huis op het Ald Hiem (aanvulling op Klaaikluten 2008/3:12):* In 1619 (inv. 45, fol. 41v) kopen Aleff Rijuerts en Magdalene Theunis, e.l. te Wommels, een huis dat zij in 1641 weer verkopen (inv. 46, fol. 312v). Dat huis stond op het (Ald) Hiem, wat valt op te maken uit de volgende gegevens:
- in 1641 is Claes Douwes de zuidelijke naastligger van wed. Jetse Claeses, 'nu huisfrou van Riemer Douwes aldaer' (inv. 28 fol. g.n./dd. 11.8.1641 [fiche 6, rij1]),
- Riemer Douwes woonde destijds op het Ald Hiem (zie *Klaaikluten* 2009/1:23),
- in 1644 is Claes Douwes (die van 1641, neem ik aan) met zijn vrouw 125 gg. schuldig aan het sterfhuis van w: Aleph Riuerdts en z: Lena Theunis 'luijt reversalbrieff van dato den laesten Aprilis 1641 als reste (…) waer van cope hunnen bewoonde huis ende stede voor den termijn meije 1643 verschenen' (inv. 28 actum 6.3.1644).
  Over dat huis nog het volgende. In 1619 is sprake van een 'oud huijsinge lanck wesende omtrent drie vacken, staende binnen voors. dorpe in de kerckbuijren op de pastoriegrondt', belast met 4 stuivers grondpacht en met ¼ van het onderhoud van het 'gangholt leggende over de sloodt' (inv. 45, fol. 41v) en later van een 'rood pandekte camers huisinge off woningen staende op het hiem', belast met 4 st. grondpacht en ¼ van het 'gangholt [de brug] na de buiren'.

*B. Een huis ten oosten van de Zuiderhaven (aanvulling op Klaaikluten 2005/2:3-7 en 2003/1:11):* In 1623 verkopen Aleff Rijuerds en Lena Teunis te Wommels een 'huys ende stede cum annexis (…) op't Suyd vande buiren op de vicarije gront', bezwaard met 14 stuivers grondpacht, Claes (…) 'te Noorden naestgehuijst ende de gemene buijre fenne [lees: de Hofkamp] ten Suijden naestgelegen'. Bij het huis behoorde een 'tuijn ten Suyden' met 'beplantinge' (inv. 45, fol. 218). Dit huis stond aan de oostzijde van de Zuiderhaven, met ten zuiden daarvan een grote tuin (de 'schoone tuin' van 1777, toen vrij van grondpacht). De noordelijke naastligger was in 1623 vermoedelijk een Claes Bauckes, voorganger van Claes Sakeles, op zijn beurt de voorganger van Johannes Joh. Stratie x Gapke Tijssen (zie verder *Klaaikluten* 2005/1:15).

**Prekadastrale geschiedenis; een voorlopige reconstructie**

Ook in vroeger eeuwen vond bouw en verbouw plaats en de gevolgen daarvan ziet men terug in de akten. Wanneer oude huizen werden opgedeeld in apart verkochte kamers, of wanneer nieuwe woningen werden gebouwd naast of tussen bestaande huizen, dan moest de beschrijving van een recht van overpad, het onderhoud van een hek, of de opsomming van naastliggers worden herzien. Missers bij de opmaak van akten – en eeuwen later bij de interpretatie van die akten – zijn dan niet

uit te sluiten. Vaak kan dat aan de hand van andere akten wel worden rechtgezet, maar één 'gemiste' akte kan een beeld alsnog doen kantelen.
Het in deze bijdrage gepresenteerde beeld is opgebouwd uit vergelijkingen terug in de tijd en omgekeerd. Aan de ene kant zijn de eerste gegevens van het kadaster, als vermeld in Van der Vaart en Talsma 1994, vergeleken met de laatste gegevens van het nedergerecht; aan de andere kant zijn gegevens (namen van eigenaars, bewoners en naastliggers) in de akten van het nedergerecht onderling vergeleken.Verder is bij bezit van meer dan één huis ook naar de naastliggers en de grondpacht van andere huizen gekeken. Maar niet alle onduidelijkheden konden worden opgelost. Hoe de bebouwing van Wommels in jaren vlak voor de komst van het kadaster (1822/32) precies is verlopen, valt uit de akten van het nedergerecht niet op te maken. Die akten eindigen in 1811, wat betekent dat een gat van tien à twintig jaar moet worden overbrugd. Dat lukt soms met behulp van ander materiaal (w.o. advertenties uit de Leeuwarden Courant), maar ook dan resteren vaak nog wel vragen. Voor een nauwkeurig(er) beeld van Wommels in de eerste decennia van de 19e eeuw is systematisch onderzoek nodig naar de concordans tussen de uiteenlopende huisnummers in de verschilende kohieren en akten vóór 1822/1832. Echter, die klus valt buiten het bestek van mijn onderzoek. Mijn doel is ontsluiting van de akten van het nedergerecht betreffende het dorp Wommels (zie ook *Klaaikluten* 2010/2:13, noot 5) en dat is al lastig genoeg. De speciekohieren van 1796-1805 laten zien dat er vaak werd verhuisd en dat zal vóór 1796 en ná 1805 niet anders zijn geweest. Voor mijn doel had ik de kadastergegevens van 1822/1832 ook links kunnen laten liggen, maar we werken bij archiefonderzoek graag 'van het bekende naar het onbekende'.

Bij benadering weten we nu weer meer over Wie Wanneer Waar in Wommels woonde, of een huis bezat. En ook is weer meer bekend geworden over uiteenlopende onderwerpen als: beroepen, functies, familienamen, verwantschapsbetrekkingen, bezitsverhoudingen, huisnummers, grondpachten, enzovoort. Over een aantal van die onderwerpen heb ik eerder in *Klaaikluten* al iets geschreven; over grondpachten nog niet. Daarover hier alleen kort een opmerking. Nadat eerder is gebleken dat de oostzijde van Terp Wommels tot de adel behoorde en de westzijde tot de kerk, lijkt zich nu een nieuw patroon af te tekenen. De maximaal betaalde grondpacht voor een huis op een stuk pastorie- en vicariegrond in de buren lijkt 14 stuivers te zijn geweest (tijd en plaats laat ik hier nu buiten beschouwing) en andere grondpachten lijken daarvan te zijn afgeleid (hier 8 + 6 stuivers; eerder op het Ald Hiem 7 + 4 + 3 stuivers). Als een en ander klopt klopt, dan biedt dat perspectieven voor aanvullend onderzoek terug-in-de-tijd naar de bebouwing van de oude kern van het dorp. Maar zover is het nog niet, want veel akten wachten nog op onstsluiting. Kortom, voor een volgende keer zijn gewoon de volgende huizen tussen Terp en Trekvaart aan de beurt: een 'tussenwoning', een voormalig secretaris huis en mogelijk meteen ook een recent afgebroken voormalig koopmanshuis met westelijk daarvan twee pakhuizen met ingebouwd een woning langs de Trekvaart (in de vorige eeuw o.a. bekend als Delfsma en daarvoor Gebr. Miedema) ten zuiden van de Wijde Steeg op het midwesten van de Terp.

# De Greidhoeke

Philippus Breuker

*Elk wit wol wat de Greidhoeke sawat is, mar om no krekt te sizzen wat der al en net ta heart, is net sa maklik. Neffens de Encyclopedie van Friesland (1958) soe ek it súdwesten fan Fryslân derta hearre, mar dat wurdt dochs mear de Súdwesthoeke neamd. De Greidhoeke is sa'n bytsje it gebiet tusken Ljouwert, Frjentsjer Boalsert en Snits, mei as kearn de gemeente Littenseradiel en dêrtsjinoan in part fan Wûnseradiel en Wymbritseradiel, sis mar in wide rûnte om Wommels en Easterein hinne. Foar de Greidhoeke oer stiet de Bouhoeke, en dêr wurdt net alle bou mei bedoeld, mar de bou noardlik fan de Greidhoeke. It is krekt of giet it om in tsjinstelling binnen Westergoa.*

Op nei de Bouhoeke ta is in oergongsgebiet fan bou en greide, dat nei 1950 nei it noarden ta opskood is. Oant dan ta wie der ek noch al wat bou yn Tsjom, Wjelsryp en Winsum. Lange tiid hat der net folle ferskil tusken de gebieten west dy't letter Bouhoeke en Greidhoeke neamd wurde soenen. It boulân lei tenearsten op de terpen, letter ek op de essen en de hege savelrêgen. Dy savelrêgen makken it ferskil. Dêr ûntstienen yn de rin fan de Midsieuwen grutter of lytser oaniensletten gebieten boulân.
Gâns in útwreiding krige it boulân yn it begjin fan de sechstjinde ieu mei de ynpoldering fan It Bildt. It wol my lykwols net oan dat Obe Postma gelyk hat as er yn de *Geschiedenis van de Friese landbouw* seit: 'Alles tezamen genomen zal waarschijnlijk de verhouding van de hoeveelheden bouwland en weiland in geheel Friesland toen [dat is yn 1511] niet zoveel verschild hebben van die in de 20e eeuw.'[1] Spahr van der Hoek sprekt himsels tsjin as er yn de *Encyclopedie van Friesland* op grûn fan de oanfier fan boufruchten foar de fyftjinde ieu in ferskil konstruearret tusken wat letter Bouhoeke en Greidhoeke hjit. Yn Frjentsjer en Ljouwert soenen dy wol oanfierd wêze, yn Snits en Boalsert net. Yn de *Geschiedenis van de Friese landbouw* hellet er lykwols it Stedboek fan Snits út 1455 oan en dêr wurde ek 'rogge, weyt, ende alreleye not' yn neamd.[2]
It ferskil tusken 'Bouhoeke' en 'Greidhoeke' sil om 1500 hinne noch net sa grut west hawwe. Dat is ek Faber yn syn *Drie eeuwen Friesland* fan miening. Hy kin ek fêststelle dat yn 'Bouhoeke' en 'Greidhoeke' de bou dêrnei tanimt, mar hy wit net wannear't dat bard is. Yn de midden fan de achttjinde ieu konstatearret er in soad boulân yn de 'Bouhoeke' en in ôfnimmen fan bou yn de 'Greidhoeke.'[3] Dochs is der wol wat oer it ferrin yn de tiid tusken 1511 en 1748 te sizzen. Sa skriuwt Winsemius yn 1622 fan Barradiel: 'Een seer vruchtbaer Landt meest in bouwinghe ende gewas van alderhande granen bestaende' en fan Hinnaarderadiel: 'De vruchtbaerheyt der Grietenye bestaet in heerlijcke weydinge der Beesten en eenige Boulanden, alwaer Huysluyden ghevonden worden die wel omtrent veertich koeyen melcken.'[4] It ferskil moat der dus doe al west hawwe.

Yn 1511 leit der yn Baarderadiel al mear boulân as allinnich op terpen. Dat oare boulân is konsintrearre op de eastlike rêch fan Bears oant Boazum by wat letter de Middelsee hjit lâns. In soad pleatsen yn de hiele gritenij hawwe dan wol ien of twa pûnsmiet boulân, mar yn de doarpen op dy rêch lizze 28 pleatsen mei 5 oant 8 pûnsmiet bou.[5] Der kin ris ien by wêze dy't net op de savelige stripe leit en mear nei it westen ta op in terp, mar

1 Spahr van der Hoek, *Geschiedenis* (1952) I, 112.
2 Spahr van der Hoek, *Geschiedenis* (1852) I, 372.
3 Faber, *Drie eeuwen* (1973) I, 200.
4 Winsemius, *Chronique* (1622) LIII ii recto en verso.
5 Opteld út de edysje fan J.C. Tjessinga fan dl VI, Baerderadiel, fan *De aanbreng der Vijf Deelen van 1511 en 1514* (1954).

dat binne grif net folle. Yn Boazum, dêr't ik it krekt neigean kin, is dat ien fan de acht.[6] Ik tink dat dêr op dy stripe doe al ieuwenlang bou west hat. Tusken Easterwierrum en Boazum hat him dêr in ies mei smelle perselen út ûntwikkele, de Bongier.[7] Oft dat op mear plakken sa west hat, bygelyks ûnder Weidum, soe nochris neigongen wurde moatte. Boazum wie yn safier lykwols in apart gefal dat dy ies yn haadsaak hearde by de pleatsen op Yndyk, in streekdelsetting sa't men dy fierder op de stripe net mear fynt. Dêr kamen in soad pleatsen by elkoar te stean.

Under de pleatsen mei nochal wat boulân op dy stripe wienen ek de measten fan de stinzen of staten dy't dêr stienen. Dat jildt foar Unia yn Bears (mear mei dy fiif oant acht pûnsmiet boulân binne der net yn Bears), Popkema, Walta, Wobbinga, Dekema, Hania en Papinga te Weidum, Hoxwier ûnder Mantgum en Walta te Boazum.[8] Ik nim oan dat it boulân by dy staten foar in part bosk west hat, en fansels ek grientetún (kokenstún wie by âlds de namnme dêrfoar) en hôven.

It sil trouwens gjin tafal wêze dat op dy stripe de measte stinzen en staten fan Baarderadiel stienen.[9] De grûn is dêr better as mear nei it westen ta, wêr't it meast knipklaai is. Mar no't wy witte dat by stinzen en staten navenant in soad boulân lei, kinne wy omkeard miskyn ek wol sizze dat alle pleatsen, dy't dat yn 1511 hienen, foarname pleatsen west hawwe.

Yn Jorwert binne yn 1511 ek trije pleatsen mei yn dit gefal tusken de fiif en de sân pûnsmiet bou. It giet om dy fan de pastoar, de fikaris en fan Derick/Orck Orcks, mar dy lizze allegearre om de Buorren hinne mei syn grutte terp nei it suden ta, dat dêr sil it wol om terplân gean. En fansels binne der ek sokke pleatsen mei fiif oant acht (en yn ien gefal sels njoggen) pûnsmiet yn Winsum, om krekt te wêzen sân. In protte bou hat lykwols it kleaster te Muontsebaaium, mar leafst 31 pûnsmiet.

It foargeande wiist út dat der wol altyd wat bou yn de lettere Greidhoeke west hat, mar der moat dochs yn de sechstjinde ieu in soad by kommen wêze. Mei oare boarnen as dy't Faber brûkt, is dat ek oan te toanen. It blykt dat der dan yn de lettere Greidhoeke fan finnen en sels fan mieden boulân makke waard. It ferskynsel wie yn 1511 oars al net ûnbekend. Dan lizze der foar wat Baarderadiel oangiet ûnder Winsum en Baaium lege finnen mei boulân, fierder by de state Hoxwier ûnder Mantgum (dêr is de 6 ½ p.m. bou 'plat zaetlandt'), yn Walckema te Easterwierrum 4 p.m. 'seedlant greydlant' en by in grutte pleats ûnder Mantgum of Skillaard dy't ik net te plak bringe kin, 6 p.m. 'graslandt ende zaetlandt.'[10] Yn de beide lêste gefallen sil it by de bou wol gean om de kantekers. It is bekend dat der earder op de wâlen wol boulân lein hat.[11] Hoxwier is grif in saak fan hôven. Min of mear grutskalich is it omsetten yn 1511 allinnich by it kleaster te Muontsebaaium, want fan de 31 pûnsmiet bou dat it hie, wie it measte part leech lân.

Ik neam no wat my út de lettere Greidhoeke bekend is oan oare gegevens fan omsetten en begjin mei in pear foarbylden út it oergongsgebiet tusken wat letter bou- en greidhoeke wurdt, beide út 1543. Yn Slappeterp binne dan 'corts eerst' de wâlen fan miedlân ploeid en oan de oare kant lizze yn Wjelsryp 'ackeren zaedlant' yn de finnen fan de fikaris.[12] By Wjelsryp stiet der net by wannear't dy bou-ekers makke binne (warren, waren of ek wol warkes hjitte sokke stikken wol), mar dat dêr doe ek skuord waard, blykt út in stik út 1559. Frans Sybes fan Tsjeppenboer wol dan fan syn lânhearre jild hawwe foar it ferbetterjen fan de

---

6 Ed. Tjessinga nr. 2232. Dy leit op Klaaiterp. Men moat de pleatsen lokalisearje kinne. De gegevens oer boulân sizze ommers net safolle as men net wit wêr't it lân krekt lei. Op terpen sil altyd wol bou west hawwe. It moat dêrom gean om bou bûten de terpen.

7 Tusken de perselen leinen gloeden (St. Antoniusgasthús Snits 927, G.A. Snits). Dat moatte rechjes west hawwe.

8 De nûmers yn de edysje Tjessinga fan de *Aanbreng* binne 2065 (Hoxwier), 2116 (Unia), 2135 (Popkema), 2136 (Papinga), 2139 (Walta; der stiet oan boulân 4 mei in fraachteken by; yn de oanbring fan 1542 stiet 5), 2147 (Wobbinga), 2151 (Dekema), 2152 (Hania) en 2231(Walta).

9 Breuker, 'Stinzen' (2010).

10 Sjoch edysje Tjessinga nrs. 2202, 2310, 2065, 2101 (yn 1542: 'zaetlandt ende greijdlandt') en 2059.

11 Spahr van der Hoek en Postma, *Geschiedenis* (1952) 90.

*Fragmint proefdruk Baarderadeel (1844) fan de kaart Eekhoff (kolleksje auteur). Oars as op de definitive kaart is hjir it boulân (yn swart) op oanjûn.*

pleats, 'soo in ploeghen en soo an slooten ende anders.'[13] Mar no dan foarbylden út de lettere Greidhoeke. Yn 1569 stiet der ek hjouwer op achttjin pûnsmiet gerslân yn Iens.[14] Yn 1573 betellet in boer fan Aldekleaster op de lettere stim 32 yn Boazum de hier mei fjirtjin ljippen winterkoarn en yn 1575 mei fiif ljippen grauwe earte, ien griene, ien koarn en in fjirdel mosterdsied.[15] De pleats lei oan de Suderdyk op it Nijlân. Letter merkt men nea mear dat hjir bou is. Wol leit der in stik yn, it Grienlân, dat frij heech en savelich is. Dêr soe dus bou west hawwe kinne, mar dat is net bekend. Yn 1586 wurdt yn Húns lân ferkocht yn de 'coornfenne.'[16] Oan de Himdyk ûnder Raerd lizze yn 1602 yn miedlân 'gebrokene oft geploegde landen.' Sûnder tastimming fan de lânhearre mei dêr dan net mear lân ploeid of brutsen wurde.[17]

Sûnder mis moat it omsetten ta bou yn de sechstjinde ieu te krijen hawwe mei bettere wetterbehearsking. Oan de gegevens hjirfoar soe ik sizze dat it rillegau nei 1540 dan miskyn wol net begongen is, mar him dochs útwreide hat. Dêr soe ek op wize kinne dat de opjeften fan 1511 en 1542 yn Baarderadiel op in pear oanfollingen nei fierders krektengelyk binne.[18] Dy gelikensens soe jin twivelje litte kinne oan de eksaktens fan de opjefte fan 1542, mar as it al sa wêze soe dat dy net klopje, dan sille de ferskillen dochs mei men oannimme doe noch net grut west hawwe.

Yn de jierren tusken ca. 1560 en ca. 1650 is it boulân yn de 'Greidhoeke' weromrûn. Dat is te sjen oan it oantal ploegen dat yn Hinnaarderadiel yn ynvintarissen neamd wurdt. By pleatsen mei tsien of mear kij naam it persintaazje mei ploegen tusken dy jierren ôf fan 63 nei 45 en by dy mei minder as tsien kij fan 35 nei 18.[19]

Wat ik fan de santjinde ieu te Boazum fûn is dit. Fan 1633 of earder oant 1699 is in stik lân fan de pleats mei stim 21 trochgeand bou. It giet wer om in stik op de savelige rêch westlik fan de Middelsee.[20] Yn 1667 wurdt by de ferhier fan de pleats mei stim 38 op Makkum ûnder Boazum bepaald dat it lân net skuord of ploeid wurde mei en de rúchskerne net ferkocht.

Yn de pleats op 'e Boazumersyl mei stim 30 mei yn 1677

13 Henn K3, 628, Tresoar.
14 Henn K4, 310, Tresoar.
15 Ontvang en uitgaaf van Oldeklooster 1572-1580, Tresoar.
16 Baa P1, Tresoar.
17 Rau O, Tresoar.
18 De opjefte fan 1542 is Van Sminia 2064a, Tresoar.
19 De Vries, *Rural economy* (1974) 266, nt. 33.
20 Kad. Baard E 499.

de finne foar trije jier omploeid en besiedde wurde, mar dêrnei jildt: 'alles te slechten ende te dongen ende met klaver te bezaijen, de wallen te effenen, de hooghten over de leeghten te brengen, de sloten te reinigen.' Ik nim oan dat it hjir giet om in earste en tagelyk ek lêste kear. De klaver sil bedoeld wêze om in  better gersgewaaks te krijen.[21]  As dat sa wêze soe, dan hat it in soad fan wikselbou, dat is it ôfwikseljend brûken fan lân as bou en as greide. Dat wie yn de 'Bouhoeke' in manier om mear út it lân te heljen.[22]

De pleats lei op de útein fan de savelige rêch, lykas stim 28 noardlik dertsjinoan. By dy pleats 28 hearde in part fan de doarpsterp, dy't noch oant yn de njoggentjinde ieu beboud waard, foaral mei grutte beane. Mar dêr moat alteast yn 1685 mear boulân by west hawwe. Der is in opjefte fan feebeslach en boulân út dat jier en dan giet it by de bou om alvenheal pûnsmiet 'wintersaijinge', 2 p.m. earte en 3 p.m. beane. Dat is dus echt in mingd bedriuw. Dan bliuwt noch oer stim 2 op Klaaiterp, dêr't  yn 1697 fjirdelpûnsmiet fan de finne fan brutsen en besiedde wurde mei. Yn 1694 wurdt dêr tursken. Dat liket dus op it gefal út 1677 mei pleats 28.

Folle fêst boulân bûten de terpen wie der dus yn de santjinde ieu net mear. Men krijt út it foargeande ek de yndruk dat it skuorren yn de rin fan de ieu oan bannen lein is. Mar dat der doe yn de Greidhoeke omraak skuord is, soe men ek begripe kinne as men by Gysbert Japix lêst:

> Naet oorz den az me op 't Fjild om schoert de breack',
> Naet oorz, allijck dy Ploeyers greyde brecke,
> Naet oorz, naet oorz wirt mijn earm' reg lanz eack
> Fol forgen, forge oon forg' lanz hinne mecke.[23]

**Dat wie om 1650 hinne.**

Hoe't de sitewaasje om 1700 hinne wie, wurdt dúdlik út in opjefte fan it nôt dat de lju yn maart 1699 hawwe.[24] It binne meast boeren, mar der komme op de list ek in pear bakkers/moolners en ek noch in pear oaren foar, dy't ik foar partikulieren hâld.[25]  Spitigernôch binne út

*Fragmint proefdruk Baarderadeel (1844) fan de kaart Eekhoff (kolleksje auteur). Oars as op de definitive kaart is hjir it boulân (yn swart) op oanjûn.*

[21] It is my net dúdlik wat hjir krekt oan 'e hân is. Giet it hjir om klaverbou, sa't Faber *Drie eeuwen* (1973, 190-192) dy beskriuwt? Dan soe der nei in pear jier klaver wer opnij bou fan makke wêze. Earder liket it hjir om ien kear te gean. Wie it ommers al faker bard, dan soenen dy hichten en lichten al lang sljochte west hawwe. Boppedat giet it om de finne en de bepaling sil wol bedoeld wêze hawwe om te foarkommen dat dêr bliuwend boulân fan makke waard. Dit is foarsafier bekend oant no ta de âldste fermelding fan klaverbou. Oant no ta wie klaverbou it earst fûn tusken 1688 en 1692 te Ingelum. Dêr gong it wol om wikselbou mei nôt.

[22] Cf. Spahr van der Hoek, *Geschiedenis* (1952) 298-299. Hy datearret dy wikselbou oars yn it begjin fan de achttjinde ieu.

[23] Psalm 129. Ed. Breuker 1989, 229.

[24] Beschrijvinge van de granen der grietenie Baarderadeel […], Steaten G46, Tresoar. Id. Hennaarderadeel.

[25] Jan Pijters, bakker 'in 't bosch' (dat is by de Labadisten)  hat fjouwer ljippen beane en fjirtich ljippen rogge.

de Greidhoeke net folle persoansgewize listen oerlevere. De measte gritenijen jouwe totaalsifers per doarp. Bou leit dan yn hoefizerfoarm om de 'Greidhoeke' hinne. Yn it westen begjint it der fuort mei yn de doarpen boppe Makkum (Koarnwert, Wûns en Skraard), giet fierder troch wat letter de Lytse Bouhoeke hjit, dan yn it noarden oer Tsjom, Wjelsryp, Skalsum, (Sweins hat mar in bytsje bou), Winsum, Baaium, Dronryp grif (Menameradiel ûntbrekt)) en dan fierder oan de eastkant op de savelige rêch by de westkant fan de eardere Middelsee lâns (Menameradiel ûntbrekt, mar Marsum en Boksum sille grif ek aardich bou hân hawwe). Oan de súdkant is der allinnich wat nôt yn Wâldsein, mar dat sil wol fan bakkers of moolners west hawwe. Binnen dy hoefizer is der yn de measte doarpen wol wat nôt, mar net yn Nijlân, Hartwert, Burchwert, Hichtum Hidaard, Waaksens, Lollum, Hinnaard en Itens. Mear as hûndert ljippen is der allinnich yn Easterein (194), Kûbaard (104 ½) en Britswert (ien persoan mei mar leafst 206 ¾).[26] Yn grutte lijnen ferskilt de sitewaasje dus net folle fan dy fan ein tweintichste ieu,[27] allinnich wienen sûnt 1699 de úteinen fan it hoefizer ynkoarte.

Yn de achttjinde ieu set it ferbieden fan skuorren troch, ôfsjoen dan fan it tydlik brekken fanwegen de feepest. Dat lêste liket oars foaral mar yn de jierren fjirtich spile te hawwen, yn alle gefallen letter net mear sa. Foar 1748 ûntbrekke lykwols gegevens dy't dêr wat oer sizze kinne. De boarnen binne hjir de spesykohieren, dy't rinne fan 1748 oant 1805. Yn Baarderadiel skommelt it totaal oan boulân yn dy jierren tusken 400 en 700 pûnsmiet, mar yn 1748 en 1750 (1749 ûntbrekt) giet it om 2265 ½ en 1849 ½ p.m., wêrnei't it hurd sakket. Om alle ferbiederij yn de hierkontrakten soe men hast tinke dat it de lânhearren west hawwe dy't gjin boupleatsen ha woenen. Ik neam ek foar de achttjinde ieu wer foarbylden út Boazum.[28] Yn




*Fragmint proefdruk Baarderadeel (1844) fan de kaart Eekhoff (kolleksje auteur). Oars as op de definitive kaart is hjir it boulân (yn swart) op oanjûn. de Bongier mei syn smelle perseeltsjes is in ies (nl:es).*

1710 mei by pleats 28 gjin lannen ôfslat wurde en mei ek gjin lannen by hierd wurde om te skuorren. Skuorren wurdt yn 1721 ferbean by stim 39 en yn 1735 by stim 16, dat beide pleatsen binne dy't nochal wat bou hienen. Likegoed wurdt by pleats 16 ek letter noch skuord. Yn 1743 wurdt noch trije pûnsmiet ekstra tastien, al is it mar foar trije jier en moat it lân de beide lêste jierren wer ta greide makke wurde. En yn 1761 en nochris yn 1772 wurdt bepaald dat der net mear lân ploeid wurde mei as al ploeid is. De ferlieding wie blykber noch altyd grut. De pleats lei dan ek tsjin de Bongier

[26] Fan Britswert bin ik net wis oft it om in boer giet, want dy't op de list stiet (Sijtse Siurds) komt yn 1700 dêr net as sadanich foar. Hy is mei syn 206 ¾ ljippen fierwei de grutste yn Baarderadiel. Ek yn Easterein soenen der wolris bakkers by wêze kinne, mar dat is net nei te gean, omdat fan Hinnaarderadiel allinnich de totalen per doarp opjûn wurde. .

[27] Sûnt is der mei de mais in soad bou yn de Greidhoeke kommen.

[28] Faber o.w. 192 e.f. makket in soad wurk fan de Boazumer boer dy't Gerben Abma neamt. Dy boer skuort om 1800 hinne in soad grûn en sieddet der klaver yn. Abma rekkenet dat de klaverbou en net de feepest yn de achttjinde ieu soarge foar it (tydlik) tanimmen fan boulân yn de Greidhoeke. Faber hâldt it gefal foar in útsûndering en dat kloppet. De bewuste boer wie in hynsteman.

oan en hie dêr nochal wat lân fan. Fan de pleats derneist is bekend dat dy yn 1757 in terskhús hie en fan ien noch wat westliker is dat it gefal yn 1732. Mar dy hienen har langste tiid hân, want om 1765 hinne wie de Bongier 'het eenige – bestendige – bouwland, 't welk zooveel ik wete, destijds in dien ganschen oord, tusschen *Sneek, Bolsward en Leeuwarden* gevonden werd.'[29]

**Beslút**

It foargeande liket derop te wizen dat yn de twadde helte fan de sechstjinde ieu it areaal oan bou yn de lettere Greidhoeke tanommen is en dêrnei wer weromrûn is. Yn de santjinde ieu waard der in soad skuord, mar dat waard fan de twadde helte fan dy ieu ôf mear en mear ferbean.

Sa koe yn prinsipe fan dy tiid ôf praat wurde fan Bouhoeke en Greidhoeke. Salang 't it skuorren trochgong, wie der ommers gjin oanlieding om Bouhoeke en Greidhoeke te ûnderskieden. By Winsemius of Schotanus komme de nammen dan ek net foar. Ik ha der net om socht, mar fûn de namme Greidhoeke foar it earst yn de *Nederlandsche Jaerboeken* fan 1762. It giet der dêr oer dat de feepest de ôfrûne moannen net allinnich yn Wymbritseradiel hearske hat, 'maer ook in die van Rauwerderhem en Baerderadeel, daer het te duchten stondt, dat, zoo dezelve zich meer en meer verspreidde, vele Beesten in de Greidhoek, alwaer men weinig Vee meer vindt, dat ziek geweest en gebeterd is, weggerukt zullen worden.'[30] Under de Greidhoeke wurdt hjir, sa liket my ta, it gebiet fan dizze gritenijen mei dat westlik derfan ferstien. Eelko Alta, dy't yn 1763 op dit berjocht ynheakket, brûkt de namme ek. Hy ûnderskiedt binnen 'het midden' fan de provinsje as it gebiet mei it measte fee hieltyd apart wat er neamt 'de beste Greidhoek' en dêr bedoelt er it gebiet tusken Ljouwert, Boalsert, Snits en Frjentsjer mei. Bouwhoek komt by him net foar, mar it begryp bestie wol, want hy hat it oer de 'Noordkant van onze Provintie'as de minder feerike streek en neamt dan de Bjirmen, It Bildt, Ferwerderadiel en West-en Eastdongeradiel. De measte bou is der yn de Bjirmen en It Bildt.[31] Ek by Alta giet it dus om in tsjinstelling binnen Westergoa.

**Literatuer**


Alta, Eelko, *Verhandelinge over de natuurlyke oorzaaken der ziekte onder het rund-vee* […]. Ljouwert 1765.

*Beneficiaal-boeken.* Ljouwert 1850.

Breuker, Ph.H., *It wurk fan Gysbert Japix. 1. Tekst yn facsimile. 2.* Oerlevering en ûntstean. Ljouwert 1989.

Breuker, Philippus, Stinzen en staten yn Littenseradiel nei 1524, *Klaaikluten* 14 (2010) nr. 3, 5-18.

Brouwer, P. en W. Eekhoff, *Nasporingen betrekkelijk de geschiedenis der voormalige Middelzee in Friesland.* Ljouwert 1834.

Faber, J.A., *Drie eeuwen Friesland. Economische en sociale ontwikkelingen van 1500 tot 1800.* 2 dln. Ljouwert 1973.

Spahr van der Hoek, J.J. m.m.f. O. Postma, *Geschiedenis van de Friese landbouw.* 2 dln. Ljouwert 1952.

Tjessinga, J.C. (ed.), *De Aanbreng der Vijf Deelen van 1511 en 1514.* VI. Baerderadeel. Assen 1954.

Vries, Jan de, *The Dutch Rural Economy in the Golden age, 1500-1700.* New Haven en Londen 1974.

Winsemius, Pierius, *Chronique ofte Historische geschiedenisse van Vrieslant* […]. Frjentsjer 1622.


[29] Brouwer, *Middelzee* (1834) 4. Neffens de spesykohieren (1748-1805) betsjut - ôfsjoen fan Winsum dan - yn Baarderadiel allinnich yn Boazum en minder ek yn Weidum it areaal oan boulân wat. Yn 1832 wie neffens de kadastrale minút de Bongier yn 1832 noch goed 16 ha, neffens de proefdruk fan Eekhoff syn kaart fan Baarderadiel yn 1844 noch goed 7. Yn de lettere njoggentjinde ieu is alle boulân dêr greide wurden.

[30] *Nederlandsche Jaerboeken* 16, 2e st. (sept. 1762), 840.

[31] Alta, *Verhandelinge* (1765) 121, 5, 9 en 12. De namme Greidhoek wurdt ek brûkt yn de *Nederlandsche jaarboeken* fan sept. 1762, sa't út Alta syn meidielingen dêrút blykt.

*Rubryk: Histoaryske aktiviteiten yn de gemeente*

# In machtich moaie dei

Klaas Abma

*... en dat was het, die 25ste september in Woudsend. Op die dag werd het Histoarysk Festival Súdwest gehouden. Naar schatting zo'n 800 tot 1000 bezoekers deden die dag De Driuwpôlle in Woudsend aan. De Festivalgangers waren erg tevreden over het gevarieerde aanbod van presentaties, workshops en activiteiten.*

Aan het Histoarysk Festival Súdwest werd deelgenomen door zo'n veertig historische verenigingen, instellingen, sneupers, onderzoekers, bedrijven en ondernemers, die toonden hoe zij zich bezighouden met geschiedenis. Daarnaast konden bezoekers deelnemen aan verschillende activiteiten.

Het optreden van Freark Smink in zijn rol van verteller van de Friese Canon viel erg in de smaak. Zijn opmerking dat de op handen zijnde fusie van de vijf Friese gemeenten niet moest leiden tot situaties zoals in de tijd van de Schieringers en de Vetkopers, werd met applaus beloond.

**Schepen**

Schepen speelden een belangrijke rol in het buitengebeuren. Het skûtsje van Woudsend en de palingaak Korneliske Ykes II uit Heeg werden druk bezocht. Sigrid Boersma liet haar Woudsender praam, met Mindert Wijnstra als verteller aan boord, zelfs extra tochten maken. Zo'n 80 bezoekers scheepten zich in. Het initiatief vanuit Woudsend om de historische schepen uit het dorp aan de Iewâl te laten zien, zorgde nog eens voor extra sfeer en drukte in het dorp.

Veel mensen maakten aansluitend op het bezoek aan het Festival nog een historische rondwandeling door Woudsend. De Stichting Historische Kring Woudsend had speciaal voor deze gelegenheid een wandeltocht door de historische kern van Woudsend gemaakt. Wie hem liep had onderweg de mogelijkheid de werkende molens De Jager en 't Lam te bezichtigen en de Sint Michaëlskerk en de Karmelkerk te bekijken. Ook kon men binnenlopen bij slijterij Wâldsein, waar de sfeer van het oude winkeltje van de dames Westra, bekend van de berenburg, nog steeds aanwezig is.

**Smaakplein**

Bezoekers en deelnemers konden smullen van hapjes die de horecaondernemers van Woudsend presenteerden op het Smaakplein. Het Smaakplein was onderdeel van de Week van de Smaak in Friesland. De horecaondernemers en Bakker Visser zetten hun beste beentje voor met vergeten groenten en smaakfruit, onder andere door weake bôle met pruimen en stoofperenijs, molensteentjes, gerechtjes van schorseneren en pastinaak te serveren.

Stichting Fruit yn Fryslân was aanwezig met verschillende soorten ouderwetse fruitsoorten. Bezoekers konden hun 'oud' fruit laten zien aan een pomoloog die hun kon vertellen welke soort boom er in hun tuin staat. Kookliefhebbers konden bij de stand van Afûk en Friese Liefde hun hart ophalen aan prachtige kookboeken en verhalen over wat Friesland te bieden heeft op authentiek culinair gebied.

Eelke Lok veilde Friese streekproducten vanaf het skûtsje van Woudsend. Vooral de Koudumer beantsjes waren een bestseller. De opbrengst van de streekproductenveiling en een deel van de opbrengst van het Smaakplein gaat naar Kika (Kinderen Kankervrij).

**Presentatie ArgHis**
Littenseradiel was met het Súvelmuseum It Tsiispakhús, Uniastate Bears, Wiuwert-Britswert en ArgHis goed vertegenwoordigd op dit festival. De gemeente deed zelf ook mee met een presentatie in de stand van het streekarchief.
Als ArgHis hadden we een kleine vitrine met vondsten uit Littenseradiel. Zo was de penning van St. Michaël te zien en een tegeltje dat onlangs gevonden was bij de restauratie van de kerkvloer in Winsum. We hadden ook een collage van foto's met activiteiten van ArgHis.
It Histoarysk Festival was ook een soort van reunie. Veel ArgHis-leden en bekenden van andere verenigingen waren bij elkaar om oude en nieuwe herinneringen uit te wisselen.
Van onze vereniging stonden Jaap Scheffer, Jan Heeres en ondergetekende de bezoekers te woord. Tjally Scheffer verzorgde de inrichting. Dank voor alle inzet.

Zeker voor herhaling vatbaar.



Bosch
Bessens
Oosterwierumer
Oudvaart
Vogelzang
Zet
WIEUWERD
Wieuwerder Vaart
Weg van Wieuwerd naar Indijk
Kleiterp
Laan
Kleiterpster
Voet pad
Steenen
Bongierd
Schenke schans
Leeuwarden
Dijk
Indijk
Staten
Opvaart
Indijkster
Slagte naar Nieuwland
naar
van
GRIETENY
BOZUM
De Heus
Overzet
Deersumer Huisje
Deersum
Walta
Bozumer Vaart
Bozumer
Sneek
Trekweg
Straat - weg
Dijkshorne
Bozumer Zijl
van
Weversbogt
Trekvaart
Sneeker
YMBRITSERADEEL
Ny Kloester